

Romte foar de takomst

No trochpakke foar in sterk en leefber Ljouwert



Ynhâld

2

Foaropwurd	3
1. Us koers foar de gemeente Ljouwert	4
2. In mienskip foar elkenien	8
2.1 Grip op besteanswissens en ynkommen	10
2.2 Elkenien in earlike kâns	11
2.3 Sûn mei-inoar libje as basis	12
3. In takomstbestindige leefomjouwing	16
3.1 Goed wenjen yn leefbere doarpen en wiken	17
3.2. Wurkje oan in duorsume en griene omjouwing	20
4. In ynnovatyf, sirkulêr en brûzjend Ljouwert	24
4.1. Ekonomysk stevige basis	25
4.2. Marketing, rekreaasje en toerisme	27
4.3. It belang fan kultuer	27
5. In feilige en striidbere mienskip	30
6. In betroubere en werkenbere gemeente	34
Portefûljeferdieling kolleezje 2026-2030	39
Bylage I: De doelen foar 2030	41
Bylage II: Finânsjes	43
Bylage III: Oersjoch fan winsken en oandachtspunten út de ried	50

Foaropwurd

De gemeente Ljouwert is folop yn ûntwikkeling. Us gemeente groeit, feroaret en spilet in hieltyd wichtiger rol. Net allinnich yn Fryslân en de regio, mar ek op (ynter)nasjonaal nivo. As haadstêd fan Fryslân en as gemeente mei in iepen blik nei bûten, litte we sjen wêr't we foar stean en wêr't we grutsk op binne. Tagelyk fernimme we dat de útdagingen grutter wurde. De druk op wenjen, soarch en foarsjenningen nimt ta en ynwenners ûnderfine faker ûnwissens oer harren deistich bestean. Gemeenten krije hieltyd mear ferantwurdlikheden, wylst tiid, minsken en middels net ûnbeheind binne.

Mei dit koälysje-akkoart sette we in folgjende stap yn de ûntwikkeling fan ús gemeente. We sjogge foarút, mar skowe wichtige keuzes net foar ús út. We dogge wat hjoed nedich is én fergrutsje de mooglikheden fan moarn.

De kommende jierren rjochtsje we ús foaral op wat direkt rekket oan it deistich libben fan ynwenners: leefbere wiken en doarpen dêr't minsken har feilich fiele,

betelbere en passende wenningen én kânsen om mei te dwaan. As gemeente wolte we tichtby de mienskip stean bliuwe, dúdlik kommunisearje en betrouber wêze.

We kieze foar in oanpak dêr't útfiering, gearwurking en sichtbere resultaten sintraal yn stean. Net alles hoecht opnij betocht te wurden. In soad goeie plannen lizze der al. It is tiid om dy plannen út te fieren. Om nó troch te pakken!

En dat kinne we net allinnich. Dêrom sykje we de gearwurking. Bygelyks mei ynwenners, ûndernimmers, ferieningen, maatskiplike partners, de gemeenteried en oare oerheden. We nûgje elkenien út om mei te tinken én mei te dwaan. Mei-inoar binne we ferantwurdlik en fersterkje we inoar. Mei-inoar kinne we fierder bouwe oan in gemeente dêr't it noch better te wenjen, te wurkjen en te libjen is.

De Leeuwarder coalitiepartijen PRO, D66, VVD en CDA

3

1. Us koers foar de gemeente Ljouwert

De kommende bestjoersperioade kieze we foar in koers dêr't brede wolfeart sintraal yn stiet. De klam leit net allinnich op ekonomyske groei, mar just ek op wat it deistich libben fan ynwenners sterker, sûner en takomstbestindiger makket. Yn in tiid wêryn't jild, romte en útfieringskrêft ûnder druk stean, meitsje we dúdlike keuzes. We sette yn op wenningen foar elkenien, mear bestearswissens, sterke wiken en doarpen en in duorsume ekonomy dy't past by de krêft fan Ljouwert en de regio. Wy wolle in gemeente wêze dy't tichtby ynwenners stiet, helder kommunisearret en gearwurket mei ynwenners, organisaasjes en partners. Soks freget om dúdlike ôfspraken, realistyske ferwachtingen en sichtbere resultaten yn stêd en doarpen.



De gemeente Ljouwert stiet oan it begjin fan in nije faze. As groeiende haadstêd fan Fryslân wurde de opjeften grutter en kompleks. Boppedat binne se aloan mear mei-inoar ferweve. De ôfrûne jierren binne ús stêd en doarpen groeid yn ynwennertal, stedske útstrieling en bestjoerlike ferantwurdlikens. Mei goed 130.000 ynwenners en in stevige sintrumfunksje yn Fryslân stean we midden yn grutte maatskiplike opjeften: fan wentebou en enerzjytransysje oant gelikense kânsen, sûnens en feiligens.

It giet goed mei de gemeente Ljouwert. Ynwenners binne oer it algemien tefreden mei harren libben en de sosjale gearhing is grut. Tagelyk hawwe we te meitsjen mei strukturele ekonomyske kwetsberens, sûnens ferskillen en soargen oangeande feiligens en besteanswissens. Yn dy kontekst kieze we foar in koers dy't ambisjeus én realistysk is.

Heldere prioriteiten

Us prioriteiten binne helder. Wy wolle bouwe foar elkenien en de trochstreaming op de wenningmerk fergrutsje, yn stêd en doarpen. Tagelyk fersterkje we de sosjale basis en sette we yn op previnsje, sadat minder minsken fêstrinne yn earmoed, skulden of swiere soarch. Wy ynvestearje yn de ekonomyske krêft fan de gemeente Ljouwert, mei wetter en grûn, kennis en kultuer as ûnderskiedende pylders. Wy bringe ûnderwiisinstellingen, bedriuwslibben en maatskiplike partners nauwer mei-inoar yn kontakt, sadat talint him yn ús gemeente ûntwikkelje kin en foar de regio beholden bliuwt. De kommende jierren pakke we de opjefte om te ferduorsumjen doelbewust en realistysk oan. We jouwe prioriteit oan maatregels dy't

oanwiisber effekt hawwe. Wy wurkje stap foar stap oan de enerzjytransysje, oan de fierdere ûntwikkeling nei in sirkulêre gemeente en oan wichtige ûntwikkelingen op it mêd fan wetter en grûn. Feiligens bliuwt in wichtich betingst. Dêrom ynvestearje we ek yn in stevige oanpak fan ûndermining en oerlêst. We sette yn op it tefoaren kommen fan problemen troch earder te sinjalearjen en gauwer mei-inoar te hanneljen. De gearwurking tusken gemeente, plysje, soarch en maatskiplike partners wurdt fierder fersterke.

By it fêststellen fan ús prioriteiten hâlde we rekken mei de finansjele situaasje fan de gemeente. Wy meitsje doelfêste keuzes yn ús ynvestearringen, ferheegje wêr nedich inkele belestingen en sjogge kritysk nei ús útjeften. Sa wurkje we ta nei in slutende begrutting. Foar in sûne finansjele posysje op de middellange- en lange termyn is foldwaande finansiering troch it Ryk needsaaklik. We ferwachtsje fan it Ryk dat se de útkomsten fan de Kommisje Van Ark oernimme¹. Oant dêr dúdlikens oer is, sette we yn op in sterke lobby rjochting it Ryk foar in earlike finansiering. Dêrmei krije we better ynsjoch yn hokker middels nedich binne foar de jeugdsoarch en wêr't romte ûntstiet foar ekstra ynvestearringen.

¹ De befiningen fan 'e Kommisje Van Ark binne dêrby wichtich foar de wize wêrop't gemeenten mear regy fiere kinne en better stjoere kinne binnen it sosjaal domein, ynklusyf passende finânsjes. Yn 2025 hat de kommisje syn earste advys útbrocht. It twadde advys wurdt begjin 2027 ferwachte.



Brede wolfeart as kompas

De keuzes yn dit akkoart beoardielje we net allinnich op finansjele helberens, mar ek op harren bydrage oan brede wolfeart. Brede wolfeart giet oer alles wat ynwenners nedich hawwe om noflik, sûn en feilich libje te kinnen, no én yn 'e takomst. We sjogge nei acht tema's: subjektyf wolwêzen, materiële wolfeart, sûnens, wurk en frije tiid, wenjen, mienskip, feiligens en miljeu.

De gemeente Ljouwert wurket al meardere jierren út it perspektyf wei fan brede wolfeart. Dêrfoar is in eigen [monitor](#) ûntwikkele. Dy jout ynsjoch yn 'e ûntwikkelingen binnen dy tema's en stipet it meitsjen en ûnderbouwen fan beliedskeuzes. Yn de folgjende haadstikken litte we per ûnderdiel sjen hoe't maatregels bydrage oan brede wolfeart. Sa wurdt yn ien eachopslach dúdlik hoe't ús keuzes bydrage oan in sosjale en takomstbestindige gemeente.

Fan plannen nei sichtbere resultaten

De krapte oan minsken, middels en mooglikheden en de druk op ús strukturele finânsjes meitsje dat net alles kin en foaral net tagelyk. Dêrom meitsje we bewuste keuzes yn wêr't we ús ynset en middels op rjochtsje. Sa kinne we trochgean mei it ynvestearjen yn de brede wolfeart fan ús ynwenners. De kommende jierren rjochtsje we ús minder op it meitsjen fan nije plannen en meitsje we wurk fan útfiering, mei sichtbere resultaten foar ynwenners. We bouwe fierder op 'e stevige basis dy't der leit en rjochtsje ús ynset op wat yn 'e praktyk it ferskil makket yn wiken, doarpen en de stêd.

Bestjoerskultuer

Us bestjoerskultuer ûnderskiedt him troch gearwurking, rolfêstens en fertrouwen oer en wer tusken ried, kolleezje, organisaasje en partners. Soks út in mienskiplike ferantwurdlikens wei rjochting ynwenners, mienskip en regio. Wy wolle in gemeente wêze dy't betrouber, dúdlik en benaderber is en mear fan bûten nei binnen wurket. We nimme inisjativen út wiken en doarpen serieus, begeliede dy goed en helpe wêr mooglik om dy flugger te realisearjen. Ynwenners en organisaasjes wolle we yntiids behelje by plannen en keuzes dy't harren leefomjouwing reitsje, mei heldere ferwachtingen oer wat wol en net mooglik is. Dêrneist wolle we oerlaap yn oanpak en regelingen ferminderje, sawol binnen ús eigen organisaasje as yn it maatskiplik fjild. Wêr nedich nimme we it inisjatyf om prosessen te streamlinen, sadat middels, subsidzjes en stipe sa effektyf mooglik ynset wurde.



Gearwurkje is nedich

Allinnich mei-inoar kinne we rjochting jaan oan de keuzes dy't nedich binne foar de takomst fan ús gemeente. De opjeften dêr't we foar stean op it mêd fan wenjen, leefberens, soarch, duorsumens en besteansswissens reitsje de folsleine mienskip en freegje ynset fan ús allegear. Dêrom sykje we de gearwurking mei ynwenners, maatskiplike partners en ûndernimmers. Elkenien is nedich om ús wiken en doarpen sterk, leefber en takomstbestindich te hâlden. Mar ek bûten ús gemeente nimme we ús ferantwurdlikens. As haadstêd fan Fryslân pakke we aktyf ús rol yn lobby en gearwurking, yn Den Haag, Brussel en yn de regio.

In goeie gearwurking tusken ried en organisaasje is in wichtich betingst om rjochting te jaan oan belied en te soargjen foar in goeie útfiering. Dêrby fine we it wichtich dat elkenien út syn eigen rol wei goed yn posysje brocht wurdt, mei romte foar gearwurking, dúdlike ferantwurdlikheden en in ried dy't yntiids behelle wurdt by grutte keuzes.

Dogge jo mei?

Dit akkoart foarmet it kader foar de kommende jierren. It jout rjochting oan de keuzes dy't we meitsje en oan de wize wêrop't we wurkje oan in sterke, sosjale en duorsume gemeente. We kinne net alles tagelyk dwaan en net alle winsken útfiere. Dêrom meitsje we dúdlike keuzes, wurkje we transparant en nimme we ferantwurdlikens foar de ôfwagingen dy't we meitsje. We beseffe dat we in soad opjeften allinnich yn 'e mande mei ynwenners, organisaasjes en ûndernimmers oppakke kinne. Sa bouwe we stap foar stap oan in gemeente dêr't it goed te libjen is. Foar de minsken fan no én foar de generaasjes dy't nei ús komme.

SYBRAND BUMA
BOARGEMASTER

PORTEFÛLJE: IEPENBIERE OARDER,
FEILIGENS, BRÂNWACHT & PLYSJE EN
KOMMUNIKAASJE

'Ljouwert is in positive en enerzjike gemeente. It kolleezje biedt in ambisjeus en werkenber programma dat soks op 'e nij befêstiget. Ljouwert is in libbene stêd, mei 35 doarpen deromhinne dêr't alle ynwenners belangryk binne. Dêr't minsken de hannen út 'e mouwen stekke. En dêr't minsken om inoar jouwe! Dat makket Ljouwert in grutske gemeente dêr't elkenien meidwaan kin. It is de útdaging om dêr hieltyd wer noed foar te stean, op alle mêd. Ik haw der fertrouwen yn dat it kolleezje en de ried dat foarinoar krije. Sy hawwe in grut hert foar de gemeente en syn ynwenners.'

**'Wat gaoatysker de
wrâld, wat better
we it hjir op oarder
hawwe wolle'**

2. In mienskip foar elkenien

Wy wolle dat ynwenners meidogge oan de mienskip, har ûntwikkelje kinne en wêr nedich de stipe krije dy't nedich is. In protte giet goed yn de gemeente Ljouwert, mar tagelyk hawwe hieltyd mear ynwenners muoite om rûn te kommen, sûn te bliuwen of mei te dwaan. Dêrneist hawwe ek demografyske ûntwikkelingen, lykas dûbele fergrizing, gefolgen foar ús gemeente. Soarch en stipe stean hieltyd mear ûnder druk.



Wêr't we kinne, fersterkje we besteanswissens, gelikense kânsen en sûnens. Ek ynvestearje we yn in sterke sosjale basis yn wiken en doarpen. We sette ekstra yn op previnsje en organisearje stipe tichteby ynwenners. Dêrneist ferbetterje we de gearwurking tusken soarch, wolwêzen, partisipaasje en ûnderwiis, sadat help makliker berikber wurdt en ynwenners mear regy ûnderfine.

Yn dizze perioade wurkje we doelbewust oan konkrete doelen foar 2030, lykas it fergrutsjen fan partisipaasje, it ferminderjen fan earmoed en sûnensferskillen en it ferbetterjen fan kânsen foar bern en jongeren om har te ûntwikkeljen². Sa bouwe we oan in sosjale en leefbere gemeente dêr't elkenien yn meidwaan kin.

Regy en fernijing: nei in hâldbber sosjaal domein

De hjoeddeistige ynrjochting fan it sosjaal domein knypt. Ynwenners ûnderfine ôfstân ta it systeem, professionals rinne fêst yn regels en gearwurking tusken organisaasjes is net altyd fanselsprekkend. Boppedat groeit de fraach nei soarch en stipe, wylst de beskikbere middels beheind binne. Om it stelsel hâldbber te hâlden, is it nedich om skerper te stjoeren op ynhâld, kwaliteit en kosten.

De kommende perioade nimme we as gemeente dêrom neidrukliker regy op it folsleine netwurk fan soarch en stipe, sadat it better oanslút by it libben fan ynwenners, ienfâldiger wurket en takomstbestindich bliuwt. We stelle prioriteiten, meitsje ynsichtlik wat we dogge en wêr't we op bystjoere en sjogge sterker nei it mienskiplike effekt foar ynwenners. Stipe moat oanwiisber bydrage oan it wolwêzen fan ynwenners. Wat ûnfoldwaande wurket, bouwe we ôf.

Previnsje en problemen yntiids sinjalearje

Trije gearhingjende pylders - besteanswissens, gelikense kânsen en sûn mei-inoar libje - jouwe rjochting oan ús keuzes. Basisfeardichheden, lykas taal, rekkenjen en digitale feardichheden, foarmje dêrby in rânebetingst om folweardich meidwaan te kinnen yn 'e mienskip. Previnsje bliuwt in wichtige reade tried. We sette mear yn op it betiid sinjalearjen, tagonklike stipe en de krêft fan wiken, doarpen, húshâldingen en netwurken.

Dat betsjut ek dat we de tagong ta stipe oars organisearje: yntegraal, tichtby en mei each foar de thússituaasje, de húshâlding en de wyk of it doarp. Wyk-teams krije dêr in gruttere rol yn, mei romte om betiid te sinjalearjen, gear te wurkjen en passende stipe te bieden. Dat freget om bettere gearwurking - ynklusyf finânsjes binnen sirkwys - en each foar de rol en ekspertize fan ús partners. By de ûntwikkeling, tarieding en evaluaasje fan belied behelje we wêr mooglik ûnderfiningsssaakkundigen. We lûke it eigenerskip net folslein nei ús ta, mar nimme wol de regy en soargje foar dúdlike kaders, mienskiplike doelen en mear gearhing. We meitsje dúdlike ôfspraken oer ferantwurdlikheden en profesjonele romte. De leefwrâld fan ynwenners stiet dêr sintraal by, net it oanbod of it organisaasjebelang. We sjogge kritysk nei mooglike oerlaap yn kosten foar itselde doel en bouwe dat ôf.

Bettere en effektivere tagong ta jeugdhulp

Ek by de jeugd wurkje we troch oan previnsje. We wolle tefoaren komme dat jongeren útfalle of ôfhinklik wurde fan swiere jeugdhulp. Dus sjogge we hoe't we tagong ta jeugdhulp better en effektiver organisearje kinne. Sa wolle we tefoaren komme dat problemen ûnnedich slimmer wurde en swiere soarch nedich wurdt. We fine it wichtich dat jongeren sels in stim krije yn dat proses, dus behelje we harren dêr aktyf by. We bringe de kosten foar previnsje ûnder by it totale budzjet foar jeugdsoarch. Dêrby sette we benammen yn op previnsje en we sette de (swiere) jeugdsoarchtrajekten allinnich yn as dat echt bydraacht oan de takomst fan de jongere.

In eigen koers, passend by stêd en doarpen

De kommende perioade benutte we it ôfrinnen fan kontrakten en rinnende trajekten om dy koers binnen it sosjaal domein fierder út te wurkjen en fêst te lizzen yn nije ôfspraken. De gemeente Ljouwert makket dêr eigen keuzes yn, passend by ús stêd en doarpen. Tagelyk gean we troch mei it gearwurkjen yn de regio en leverje we in aktive bydrage oan lanlike ûntwikkelingen yn it sosjaal domein. De befiningen fan de Kommisje Van Ark jouwe rjochting oan de wize wêrop't gemeenten mear regy fiere kinne en better stjoere kinne binnen it sosjaal domein. Foar in sûne finansjele posysje op de middellange en lange termyn is foldwaande finansiering troch it Ryk needsaaklik. We ferwachtsje fan it Ryk dat se de útkomsten fan de Kommisje Van Ark oernimme. Oant dêr dúdlikens oer is, sette we yn op in lobby rjochting it Ryk foar in earlike finansiering.

² Yn bylage 1 stiet in oersjoch fan de doelen foar 2030.



2.1 Grip op bestaanswissens en ynkommen

Earmoed trochbrekke en help biede by skulden

Wy wolle dat alle ynwenners rûnkomme kinne en meidwaan kinne. Dêrom rjochtsje we ús op it trochbrekken fan earmoed dy't faak fan generaasje op generaasje trochjûn wurdt, it fergrutsjen fan bestaanswissens en flugge, tagonklike help by finansjele problemen. Ek geane we troch mei it ynsetten op regelingen dy't it dielnimmen oan sport, kultuer en ûnderwiis mooglik meitsje foar bern, jongeren en folwoeksenen. Sa geane we troch mei de Meedoenregeling en ús bydrage oan stichting Leergeld.

We biede wer in fangnet oan ynwenners dy't dreech rûnkomme kinne, ûnder oare mei betiid sinjalearjen en skuldhelpferliening. Yn de kommende bestjoersperioade beoardielje we it earmoed- en skuldhelpbelied op 'e nij, mei ekstra omtinken foar skuldhelpferliening. Stipe moat nammentlik bedarje by ynwenners dy't dy it hurdst nedich hawwe. Dêrom sjogge we kritysk nei besteande regelingen en nei de wize wêrop't we ynwenners dêrmei berikke. Soarchfâldige tagong en adekwate toetsing bliuwe wichtich, mei each foar minsklike maat en passende stipe. Spesifyk omtinken hawwe we foar de tagonklikens fan de oanfoljende soarchfersekering AV Frieso en de wize wêrop't ynwenners oan de foarkant berikt, begelaat en stipe wurde.

In arbeidsmerk mei kânsen foar elkenien

Wurk en meidwaan binne wichtich foar bestaanswissens, eigenwearde en sosjale ferbûnens. Dêrom is it útgongspunt dat ynwenners, nei fermogen, bydrage fia betelle wurk. Wannear't dat net mooglik is, biede oare foarmen fan ynset, lykas mantelsoarch of frijwilligerswurk, romte om dochs aktyf by te dragen oan de mienskip.

Wy gean troch mei yn te setten op útstream út de bystân en fine dat wurkjen leanje moat. Basisfeardichheden lykas taal, rekkenjen en digitale feardichheden binne fan grut belang om meidwaan te kinnen op 'e arbeidsmerk en yn 'e mienskip. We rjochtsje ús ekstra op jongeren, statushâlders en húshâldingen. We kieze foar in brede arbeidsmerkoanpak yn 'e mande mei ûnderwiis, de arbeidsmerkregio en it sosjaal ûntwikkelbedriuw. Ek wurkjouwers freegje we om in aktive bydrage. Sy spylje in wichtige rol yn it bieden fan kânsen en hawwe belang by in goed tariste beropsbefolking.

We hâlde op mei basisbanen yn 'e hjoeddeistige foarm. De beskikbere middels sette we doelfêster yn foar partisipaasje, bygelyks foar start- en opstapbanen dy't ynwenners helpe troch te groeien nei regulier wurk. Foar wa't dat net helber is, bliuwt meidwaan it útgongspunt. Bygelyks fia partisipaasje yn eigen wyk of doarp.

We ferwachtsje ek wat fan ynwenners dy't stipe ûntfange en stjoere op 'e nij op reynteograasjeferplichtingen. Wêr't ynwenners sûnder jildige reden net meiwurkje oan begelieding of trajekten, bliuwt hantavening ûnderdiel fan ús oanpak. Sa hâlde we de stipe earlik, dúdlik en rjochte op ûntwikkeling en partisipaasje.

In takomstbestindich sosjaal ûntwikkelbedriuw

Ek ynvestearje we yn in sosjale takomstbestindige ynfrastuktuer. Dêr hawwe we fûnemintele keuzes yn te meitsjen. Tink dêrby oan keuzes foar doelgroepen en húsfersting. We sjogge mei regiogemeenten, Caparis en oare partners hoe't we de kommende perioade komme kinne ta in sosjaal ûntwikkelbedriuw dat klear is foar de takomst. In sosjaal ûntwikkelbedriuw biedt ynwenners net allinnich wurk, mar ek ûntwikkeling, begelieding en perspektyf. Dêr hechtsje we wearde oan.

2.2 Elkenien in earlike kâns

Feilich, sûn en kânsryk opgroeie

Bern en jongeren fertsjinje de kâns om feilich, sûn en kânsryk op te groeien. De hjoeddeistige Jeugdaginda 2024-2028 jouwe we in ferfolch. Dêrneist wolle we problemen betiid sinjalearje en stipe tichtby organisearje, bygelyks fia skoallen, jongereinwurk, húsdokters en wykteams.

Previnsje bliuwt dêrby it útgongspunt. Programma's lykas School als Vindplaats, Jongeren op Gezond Gewicht (JOGG), de ynset fan praktykstipers húsdokters (POH), jongereinwurk en stipe fia skoallen bliuwe dêryn wichtich. Ek ynvestearje we yn mentale sûnens, striidberens en sûn opgroeien. Troch problemen earder te sinjalearjen, komme we tefoaren dat jongeren ûnnedich yn swierdere foarmen fan soarch bedarje. We hawwe spesifyk omtinken foar de digitale leefwrâld fan jongeren. We fergrutsje harren digitale striidberens, sadat jongeren leare om om te gean mei sosjale media, online druk en de ynfloed fan oaren. Troch dêr yntiids op yn te setten, meitsje we de risiko's lytser op online driging en útrûpeljen.

Ynvestearje yn skoallen en berne-opfang

Goed ûnderwiis en tagonklike berne-opfang binne essinsjeel foar gelikense kânsen. We gean dêrom troch mei it ynvestearjen yn sterke skoallen en ynklusyf ûnderwiis. We sette de suksesfolle gearwurking tusken ûnderwiis, wykteams en jeugdhulp fuort. Stipe op en om skoallen helpt om problemen earder te sinjalearjen en bern flugger passende help te bieden. Ek gean we troch mei ynvestearringen yn foar- en ierskoalske edukaasje

en it tsjingeane fan sawol ûnderwiisachterstannen as it yntiids ferlitten fan de skoalle.

Dêrneist erkenne we it grutte belang fan de biblioteek as partner yn it fersterkjen fan basisfeardichheden yn ús gemeente. De biblioteek spilet in wichtige rol yn it tsjingeane fan (digitale) leechgeletterdheid foar ynwenners fan alle leeftiden, yn sawol de stêd as de doarpen. We sette op 'e nij yn op brede, leechdrompelige stipe. Dêrby leit de fokus op taalfeardeichheid, digitale feardichheden en selsredsumens. Dat dogge we binnen de besteande trajekten en yn nauwe gearwurking mei ûnderwiis, maatskiplike organisaasjes en oare partners.

Passende ûnderwiishúsfersting yn wiken en doarpen

De kommende jierren wurkje we fierder oan takomstbestindige ûnderwiishúsfersting. We hawwe omtinken foar wêr't groeiende wiken ferlet fan hawwe, mar ek foar de druk op skoallen yn lytsere doarpen. Yn 2025 is it Integraal Huisvestingsplan Onderwijs 2025 – 2050 fêststeld, ynklusyf in fjouwerjierrige útfieringsaginda. Foar de earste tranche fan dat plan is foldwaande jild beskikber oant 2030. Dêrmei kinne de plande ynvestearringen yn dizze bestjoersperioade útfierd wurde.

Ek nei dizze bestjoersperioade binne ynvestearringen nedich yn ûnderwiisfoarsjenningen en húsfersting. We dogge aktyf in berop op it Ryk om te kommen ta in passende bydrage, om't de hjoeddeistige middels fan it Ryk ûnfoldwaande oanslute by de opjefte dêr't gemeenten foar stean. De kommende perioade brûke we om mei ûnderwiisinstellingen, skoalbestjoeren en oare partners keuzes ta te rieden en komme we mei in oanpak dy't rjochte is op de takomst.

Opheinen fan flechtlingen neffens ôfspraken yn Fryslân

Ek de kommende jierren jouwe we ynfolling oan ús wetlike taken op it mêd fan asylopfang, opfang fan Oekraïners en húsfersting fan statushâlders. Dêrby hâlde we ús oan de ôfspraken dy't folgje út de Spriedingswet. Foar it opheinen fan Oekraïners hâlde we ús oan de noarmôfspraken dy't binnen Fryslân makke binne. Dy ôfspraken binne foar ús de paadwizer foar de oantallen dy't we binnen ús gemeente opheine. In eventuele needopfanglokaasje is allinnich oan 'e oarder wannear't dy duorsum bydraacht oan de opjefte út de Spriedingswet of de Fryske noarm.

Kânsrike start foar ynboargers

Wy fine it wichtich dat ynboargers sa gau mooglik nei fermogen meidogge yn 'e mienskip. It learen fan 'e taal, partisipaasje en (begelieding nei) wurk binne betingsten om by te dragen oan 'e mienskip en in goeie start te meitsjen. Wy stypje ynboargers dêrby, bygelyks fia startbanen. Rjochting it Ryk gean we troch mei ús yn te setten foar foldwaande finansjele stipe, sadat de basis op oarder bliuwt en wy dy taak útfieren bliuwe kinne.

Doelfêste oanpak yn Ljouwert East

Yn Ljouwert East hawwe ynwenners faker te krijen mei earmoed, sûnensproblemen en ûnfeiligens. Dêrom wurkje we gear mei ynwenners en partners oan in sterk en leefber gebiet. Mei in oanpak foar de lange termyn soargje we stap foar stap foar bettere kânsen en in feilige en sûne omjouwing. We lûke mei-inoar op mei bewenners, maatskiplike organisaasjes, ûndernimmers, oerheden en it Ryk as wichtige ynvestearder³. Der binne al wichtige stappen set, bygelyks by skulden, ûntwikkeling fan bern, feiligens en wenningen, mar we binne der noch net. Dizze koälysje giet troch mei it ynvestearjen yn de leefberens fan Ljouwert East. We gean troch mei it programma en hawwe spesifyk omtinken foar it gebiet de Vlietsône.

De kommende jierren leit de fokus mear op útfiering, it realisearjen fan taastbere resultaten en it ferankerjen fan wat goed wurket. Suksesfolle oanpakken kopiearje we nei oare wiken en doarpen. We freegje mear ynset en jild fan partners en ûndernimmers en meitsje better dúdlik hoefolle jild nedich is en wêr't we it oan besteegje.

2.3 Sûn mei-inoar libje as basis

Fan soarch nei sûnens

De groeiende soarchfraach en dûbele fergrizing freegje om in beweging fan soarch nei sûnens, dêr't previnsje en fearkrêftige ynwenners sintraal stean. Sûnens is mear as soarch allinnich. It giet oer wenjen, bewegen, moetsjen, ûnderwiis en in sûne leefomjouwing. Dêrom ferbine we sûnens neidrukliker mei dy beliedsterreinen. Dêrneist sjogge we breder nei sûnens mei omtinken foar wat foar ynwenners wichtich is om harren libben te libjen, mei te dwaan en harren fearkrêftich te fielen. We meitsje maksimaal gebrûk fan lanlike middels, mar bliuwe kritysk op oerlisstruktuere en burokrasy. De klam leit op wat ynwenners echt fernimme yn harren deistich libben.

³ It Programma Ljouwert East is ûnderdiel fan it Nasjonaal Programma Leefberens en Feiligens, in lanlike wykoanpak rjochte op sechtjin kwetsbere gebieten.

De kommende jierren rjochtsje we ús foaral op útfiering en sichtbere resultaten. Previnsje stiet sintraal, bygelyks fia de Fryske oanpak Samen Gezond en it programma Opgroeien in een Kansrijke Omgeving (OKO). Wy ynvestearje yn in sûne leefstyl, mentale sûnens, faksinaasjes, bewegen en it lytser meitsjen fan sûnensferskillen tusken wiken en doarpen. Ekstra omtinken giet út nei jongeren en mentale striidberens.

Fierder sette we fierder yn op in goeie gearwurking tusken soarch en wolwêzen. Ynwenners moatte gau passende stipe fine kinne, sûnder ûnnedige drompels of yngewikkelde loketten. We hawwe neidruklik omtinken foar de kontinuïteit fan húsdokterssoarch, mantelsoarch en earstelinesoarch.

Stipe tagonklik en betelber hâlde

De Wet maatschappelijke ondersteuning (Wmo) helpt ynwenners dy't tydlik of langer stipe nedich hawwe om selsstannich te wenjen en mei te dwaan yn de mienskip. Troch fergrizing, in groeiende soarchfraach en personielsteakoarten stiet de útfierberens (fan de soarch) ûnder druk. Dêrom meitsje we de kommende perioade keuzes oer de ynrjochting fan 'e Wmo fan 1 jannewaris 2029 ôf. Tagonklike, betelbere stipe ticht by ynwenners bliuwt it útgongspunt. Ynwenners hâlde de romte om sels keuzes te meitsjen yn de wize wêrop't se stipe organisearje, ûnder oare fia it personielsbûne budzjet (pgb).

De krêften bondelje oangeande soarch en feiligens

Foar ynwenners mei komplekse problemen is in goeie gearwurking tusken Wmo, soarch en feiligens wichtich. In soad problemen reitsje nammentlik sawol soarch as feiligens. Tink oan húslík geweld, alkohol- en drugsproblemen, (digitaal) pesten, persoanen mei ûnbegrepen gedrach, strjityntimidaasje, sosjale oerlêst en passende wenfoarmen foar kwetsbere ynwenners.

De kommende jierren kieze we foar útfiering yn pleats fan nije of ekstra plannen. We hawwe in útfierings-aginda mei dúdlike prioriteiten. Underwerpen lykas strjityntimidaasje, húslík geweld, persoanen mei ûnbegrepen gedrach en ûnkonvinsjoneel wenjen krije dêryn in dúdlik plak. Om resultaten te boeken, soargje we foar bettere gearwurking tusken partners, heldere ferantwurdlikheden en mear útfieringskrêft.

We ferbetterje de gearwurking tusken stipe, wenjen en feiligens. Dêrby rjochtsje we ús op betiid sinjlearjen, it tefoaren kommen fan eskalaasje en it flugger bieden fan passende help en begelieding. We sjogge hokker opjeften binnen de besteande budzjetten útfierd wurde kinne en wêr't ekstra middels nedich binne. Dêrneist

fersterkje we de oanpak fan soarchfraude en ûnder-mining. We toetse soarchoanbieders strenger en sette faker Bibob-toetsen yn om misbrûk fan soarchjild tsjin te gean.

Fersterkjen fan de sosjale basis

In sterke sosjale basis helpt minsken om mei te dwaan, inoar te moetsjen en problemen foar te kommen. It giet dêrby om de krêft fan wiken en doarpen: plakken dêr't ynwenners inoar kenne, nei inoar omsjogge en mei-inoar inisjativen nimme. Dêrom ynvestearje we yn leefbere wiken, buerten en doarpen, frijwilligerswurk, mantelsoarch en bewennersinisjativen. Lykas netwurk-sintrum De Klomp mei in wichtige funksje yn 'e wyk, dêr't we struktureel jild foar frijmakke hawwe.

De kommende jierren sille we noch mear gearwurkje mei wyk-, buert- en doarpsorganisaasjes en bouwe we fierder op de kennis en ûnderfining dy't al oanwêzich is binnen it wurkjen dat rjochte is op it gebiet. Ek jouwe we romte oan inisjativen fan ûnderen op en stimulearje we ynwenners om sels by te dragen oan harren leefomjouwing, ûnder oare fia it Mienskipsfûns. Sa fersterkje we netwurken yn buerten en doarpen en soargje we derfoar dat sinjalen betiid oppakt wurde en stipe tichtby organisearre wurde kin.

Wy wolle beskikbere middels tûker ynsette en better oanslute litte op wat ynwenners en inisjativen nedich

hawwe. Tagelyk sjogge we kritysk nei mooglike oerlaap yn subsidydstreamen, de gearhing tusken regelingen en de effektiviteit fan besteande fûnsen en budzjetten, lykas it Mienskipsfûns, wyk-, buert- en doarpsbudzjetten en eventuele útfieringsbudzjetten foar bewennersinisjativen. Wol sjogge we nei it gebrûk fan dy regelingen, sadat stipe telâne komt wêr't dat nedich is. Jongereinpartisipaasje en belutsenheid fan ynwenners bliuwe wichtige útgongspunten. We behâlde de OZB-kompensaasje foar wyk-, buert- en doarpshuzen.

In gemeente foar elkenien

Ynwenners moatte har thúsfiel en meidwaan kinne, likefolle harren achtergrûn, leeftiid of beheining. We stean foar in ynklusive gemeente dêr't gjin plak is foar diskriminaasje, yntimidaasje of geweld, dus ek net tsjin de LHBTIQA+-mienskip of oare minderheden⁴. Dêrom wurkje we troch fanút de Inclusie Agenda Leeuwarden 2020–2028, yn line mei it VN-verdrag Handicap. Mei ûnderfiningssakkundigen wurkje we fia mearjierrige útfieringsaginda's en de Taskforce Toegankelijkheid 2018–2028 oan in gemeente dy't ynklusiver en better

⁴ LHBTIQA+ is in sammelterm foar lesbyske, homoseksuele, biseksuele, transgender, yntersekse, queer en aoseksuele persoanen.



tagonklik is foar elkenien. Diskriminaasje en útsluting gean we tsjin en we biede romte oan aktiviteiten en betinkingen dy't soargje foar bewustwurdig, ferbining en moetsjen. Sa binne we foarstanner fan it inisjatyf fan in provinsjale fiering fan Ketí Koti en stypje we de komst dêrfan.

Ynvestearje yn sport en bewegen

Sport en bewegen drage by oan sûnens, moetsjen en leefberens. Dêrom ynvestearje troch yn sportfoarsjenningen, ferieningen en in omjouwing dy't útnûget om te bewegen. Dêrfoar sette we besteande middels sa effisjint mooglik yn. Sa sette we buertsportcoaches en beweechcoaches ynop ferskate plakken yn ús gemeente en sykje we de ferbining mei ûnderwiis, soarch en wolwêzen. Dêrmei ferbetterje we de sûnens fan ynwenners, stimulearje we it inoar moetsjen en fergrutsje we de sosjale gearhing yn wiken en doarpen.


De kommende jierren bliuwe ynvestearringen nedich om sportfoarsjenningen tagonklik en takomstbestindich te hâlden. Om't de finansjele en romtlike opjeften

grut binne, meitsje we dúdlike keuzes, yn line mei it hjoeddeistige beliedskader Sport en bewegen 2025-2035. We jouwe prioriteit oan sportfoarsjenningen foar ûnderwiis en breedtesport. We meitsje wurk fan de earste faze fan sportpark Middelsee, dêr't we in sporthal realisearje en de ferhuzing fan FVC mooglik meitsje. Foarútrinnend op dy ferhuzing wurdt in ekstra keunstgersfjild yn Wiarda oanlein. Dêrneist bouwe we ekstra klaaikeamers by besteande sportfjilden yn Nijlân foar de bûten sport. Oare ûnderdielen fiere we letter en yn fazen út, ôfhinklik fan de beskikbere middels.

Ek gean we troch mei it stypjen fan sportferieningen yn harren maatskiplike rol. We tinke mei oer akkommodaasjes en oer takomstbestindige foarsjenningen, sportparken en ferieningen. Bygelyks troch gearwurking te stimulearjen en passende (ferienings)stipe te bieden, lykas de ynset fan sportparkmanagers. Foar de gemeentlike swimbaden meitsje we in takomststrategy, mei omtinken foar ferduorsuming, renovaasje en/of (fer)nijbou binnen helbere finansjele kaders. Dy wurdt foar de MidTermReview oplevere.

HEIN KUIKEN WETHÂLDER ÚT NAMME FAN PRO PORTEFÚLJE: SOSJAAL DOMEIN, BESTEANSWISSENS EN FINÂNSJES

'De gemeente Ljouwert is en bliuwt in sosjale gemeente. Hjir binne we derfoar inoar, just as it even net goed giet. We stypje ynwenners dy't muoite hawwe om rûn te kommen. As gemeente moatte we ús uterste bêst dwaan om de besteanswissens fan alle ynwenners in ympuls te jaan. Sadat elkenien meidwaan kin, wat de dikte fan 'e beurs ek is. Dat is myn persoanlike missy! Ik sjoch dernei út om dêr mei myn kollega's moaie stappen yn te setten. Der leit in sterk sosjaal belied, dêr't we op fierder bouwe. Dêrneist moatte we as gemeente finansjeel sûn wêze én bliuwe. Sadat de basis solide is foar alle generaasjes dy't nei ús komme.'



Bydrage oan brede wolfeart

Brede wolfeart giet oer de kaliteit fan libjen, no en yn 'e takomst. It biedt in kader om belied te beoardieljen op de effekten foar mins, miljeu en ekonomy. De maatregels op it mêd fan besteanswissens hawwe direkt ynfloed op de brede wolfeart, foaral op 'e tema's materiële wolfeart en arbeid & frije tiid, mienskip, wolwêzen en sûnens (donkerread werjûn). It giet dan ûnder oare oer de mjitte wêryn't ynwenners rûn komme kinne en lichaaamlike sûnens, mar ek oer wurkleazens en ûnderling fertrouwen. Dêrneist is der in yndirekte relaasje mei de tema's feiligens en wenjen (ljochtread werjûn). Aktuele data in sifers binne te finen yn de [Brede Welvaartsmonitor](#).

'Yn dizze gemeente binne we derfoar inoar'

3. In takomst- bestindige leefomjouwing

Wy wolle dat elkenien wenje kin yn in passende wenning, yn in leefbere omjouwing dêr't romte is om inoar te moetsjen. Tagelyk stiet de beskikbere romte ûnder druk. Wentebou, mobiliteit, ekonomy, de enerzjytransysje, klimaat en natuer freegje allegear om romte. Net alles kin tagelyk. Dêrom meitsje we dúdlike keuzes en bepale we wat prioriteit krijt. We nimme de regy, hâlde oersjoch en stjoere op kwaliteit en takomstbestindige oplossingen.



De kommende jierren ferhastigje we de wentebou en benutte we de besteande wenningfoarried better. Dêrneist ynvestearje we yn tûke en romtebesparjende mobiliteit en ferbetterje we de leefberens. We kieze foar in oanpak dy't ôfstimd is op it gebiet, sadat opjeften op it mêd fan wenjen, klimaat, enerzjy, ekonomy en grien inoar fersterkje.

Yn dizze perioade wurkje we doelbewust oan konkrete doelen foar 2030, lykas mear wenningen, it fergrutsjen fan bioferskaat, it ferduorsumjen fan gebouwen en it ferbetterjen én klimaatbestindich meitsjen fan de leefomjouwing⁵. Sa bouwe we stap foar stap oan sterke en oantreklike wiken en doarpen.

3.1 Goed wenjen yn leefbere doarpen en wiken

Wurkje oan in wenning foar elkenien

In wenning is wichtich foar in sûn en lokkich libben. Dêrom meitsje we ús sterk foar in wenningmerk dy't foar elk tagonklik is. Tagelyk is de fraach nei wenningen grutter as it oanbod. In soad minsken fine dreech in betelbere wenning dy't by harren past. We sette dêrom stevich yn op it ferhastigjen fan de wenningbouprouksje en bouwe de kommende jierren ûngefear 1.000 wenningen jiers. Dêrby binne we wol ôfhinklik fan de beskikbere romte en ynfrastuktuer.

We soargje foar ferskate soarten wenningen en stimulearje dat minsken trochstreame nei in wenning dy't better past by harren situaasje. Us útgongspunt is dat der foldwaande en passende wenningen binne foar elkenien. Sa meitsje we wenfoarmen mooglik dêr't wenjen, soarch en moetsjen byinoar komme, sadat âlderen makliker ferhúzje kinne. Ek starters wolle we helpe, mar we hawwe dêr beheinde finansjele romte foar. Dêrom lûke we yn 'e mande mei it Ryk en oare partners op om dy groep better te stypjen, bygelyks troch op termyn in startersliening te realisearjen. Foar de kommende perioade is budzjet beskikber foar de realisasje fan alternative wenfoarmen.

Benutten fan besteand beboud gebiet

We bouwe safolle mooglik binnen de besteande stêd en doarpen. Utweiding bûten besteand gebiet dogge we allinnich as dat nedich en ferantwurde is, lykas yn Stiens en de nijbouwiken De Zuidlanden en Middelsee. De wichtichste wenningbougebieten foar de kommende jierren binne Spoordok, Tesselschadestraat-WTC, Nieuw Oud-Oost, Middelsee/De Werp en it

Halbertsmaterrein Grou.

Nijbou allinnich is net genôch. Dêrom wolle we besteande wenningen en leechsteande gebouwen better brûke. Bygelyks troch wenningen te splitsen, gebouwen te ferheegjen, funksjes te feroarjen of leechstân tsjin te gean. We brûke dy mooglikheden wêr't se helpe en meitsje altyd in soarchfâldige ôfwaging, wêrby't leefberens en stêdeboukundige kwaliteit wichtige ôfwagingskaders binne.

Mei-inoar wurkje oan it Fries Stedelijk Netwerk

Mei Provinsje Fryslân en de gemeenten Smellingerlân, It Hearrenfean en Súdwest-Fryslân wurkje we oan in ferstedsingsstratêge foar it Fries Stedelijk Netwerk. Ferstedsing is nedich om it draachflak foar foarsjenningen te fergrutsjen, de ynnovaasje krêft te fergrutsjen en te soargjen foar foldwaande wenningen. Dy ferstedsingsstratêge liedt ta in útfierings- en ynvestearingsaginda dy't we brûke yn ús lobbypetearen mei it Ryk.

In wichtich rânebetingst foar it funksjonearjen fan it Fries Stedelijk Netwerk is it ferbetterjen fan de berikberens tusken dy kearnen en it stedsnetwurk yn de rest fan Nederlân. Dêrom wurkje we oan in nij treinstasjon (Ljouwert-Middelsee), dogge we ferskate ynvestearings yn ús spoarsône en meitsje we ús sterk foar de realisasje fan de Lelyline.

Foldwaande betelbere wenningen

We soargje foar in goeie basis yn de wenningfoarried, mei de 30/40/30-noarm as útgongspunt⁶. Dat dogge we mei wenningkorporaasjes en it Ryk. Rykssubsydzjes wurde foar in wichtich part ynset om it oandiel sosjale hier te fergrutsjen. Ek sette we eigen ynstruminten yn, lykas it fereffeningsfûns om it bouwen fan sosjale hierwenningen te stimulearjen. Dêrneist sjogge we wêr't we de bou ferhastigje kinne, bygelyks yn it gebiet De Werp, yn de Boksumerhoeke en yn in tal doarpen.

Yn de prestaasjeôfspraken mei wenningkorporaasjes sette we neidruklik yn op it better brûken fan de besteande wenningfoarried. We meitsje ôfspraken oer ynkommensôfhinklike tawizing en hierprizen, om skeefwenjen tsjin te gean. Korporaasjes kontrolearje dêr aktyf op, sadat sosjale hierwenningen bedarje by de minsken dy't se it hurdste nedich hawwe.

⁶ Dat betsjut dat in nijbouplan bestiet út 30% sosjale hier, 40% betelbere keapwenningen of middenhier en 30% djoerdere keapwenningen of frije sektor hier.

⁵ Yn bylage 1 stiet in oersjoch fan de doelen foar 2030.



We ferbetterje de leefberens troch de wenningmerk better te regulearjen. Misstannen yn de partikuliere ferhier pakke we oan, bygelyks mei de ynset fan de huzebbrigade. Tagelyk sjogge we dat it opkeapjen fan wenningen ôfnommen is en dat de hiermerk, foaral yn it middensegmint, ûnder druk stiet. Dêrom hâlde we op, yn line mei lanlike ûntwikkelingen, mei it opkeapferbod om mear romte op de wenningmerk te kreëarjen. Yn de kommende perioade besjogge we hokker oanfoljende maatregels nedich binne, lykas it mooglik ynfieren fan in ferhierdersfergunning.

Strategyske ynvestearringsaginda

De ôfrûne jierren hawwe we mei doelfêste ynvestearringen moaie resultaten berikt, bygelyks op it mêd fan ynfrastuktuer en mobiliteit, ynvestearringen yn kampussen en de werynrjochting fan de binnenstêd. We wolle dêrom trochgean mei strategyske ynvestearringen dy't de wentebou ferhastigje, de leefberens ferbetterje en de kenniseconomy oanjeie. Tagelyk sjogge we dat ynvestearringen noch te faak los faninoar plakhawwe. Ek kinne we skerper prioritearje, sadat ynvestearringen inoar fersterkje. Dêrom wurkje we mei in strategyske ynvestearringsaginda.

Earst stelle we fêst wat nedich is en wat prioriteit hat. We sette yn op subsydjes en kofinansiering om kosten net allinnich te dragen en mear mooglik te meitsjen. We meitsje ûnderskied tusken neesaaklike en winsklike ynvestearringen. We tinke no oan ûntwikkelgebieten lykas de Weaze, Prinsentuin, Vlietzone, Nijehove, de eastkant fan de binnenstêd (omjouwing Tweebaksmarkt en Korfmakersstraat), Spoorzone/Spoordok, Cambuurplein, Groene Ster, De Werp en Grou. De definitive keuzes meitsje we mei partners en de gemeenteried.

Romte foar leefbere wiken en doarpen

We wurkje de kommende jierren fierder oan wiken, buerten en doarpen. We bouwe wenningen én we fergrutsje de leefberens. Dat freget net allinnich foldwaande romte foar grien, mar ek foar moeting en foar foarsjenningen, bygelyks troch romte te meitsjen foar boartsjen en bewegen, soarch en ûnderwiis. Foarsjenningen binne nammentlik krúsjaal foar de sûnens en it wolwêzen fan ynwenners en de ûnderlinge ferbûnens yn de buurt.

Yn 'e mande mei ynwenners soargje we foar in omjouwing dêr't minsken har thúsfiele. En wêr't romte is foar inisjatyf en moeting. We sjogge dat de ynwenners sels in soad dogge. Dy krêft wolle behâlde en fergrutsje. Plannen moatte dêrom sa folle mooglik út de buurt sels komme, mar as gemeente pakke we ek in aktive rol. We helpe, ferbine en meitsje mooglik.

We stjoere mear op wentebou yn doarpen. Dat kin ek ynhâlde dat we as gemeente, krekt as yn 'e stêd, sels grûn krije. We tinke om praktyske saken lykas parkearjen en soargje dat it behear en ûnderhâld fan de iepenbiere romte goed op oarder is, sawol yn 'e stêd as yn it bûtengebiet. We sjogge kritysk nei de kosten dêrfan. Der wurdt besparre op de middels dy't beskikber binne foar it ôfhanneljen fan meldingen yn de iepenbiere romte. Dêrby akseptearje we dat de ôfhanneltiid fan meldingen yn de iepenbiere romte tanimme kin.

Yn de kommende perioade rûnje we de fyzje op maatskiplik fêstgoed ôf. Sa kinne we better bepale hokker foarsjenningen der komme en hoe't we se brûke. Wy meitsje it multyfunksjonele sintrum (MFC) yn Wurdum mooglik op basis fan plannen út it doarp. Wy stypje en drage finansjeel by oan in MFC yn Grou, op betingst dat der foldwaande draachflak is yn de omjouwing en dat realisasje binnen in reedlike termyn plakhawwe kin.

Ofwoegen mobiliteitskeuzes meitsje

Mobiliteit is gjin doel op himsels, mar in betingst foar goed wenjen, wurkjen en libjen. Tagelyk hawwe mobiliteitskeuzes gefolgen foar it romtebeslach en de leefkwaliteit yn in gebiet. Dêrom besjogge we mobiliteit altyd yn gearhing mei wentebou en gebietsûntwikkeling. Hieltyd sykje we in goeie balâns tusken berikberens, duorsumens, feiligens en leefkwaliteit en sjogge we kritysk nei de fasearring (wat moat no, wat kin letter).

It besteande mobiliteitsbelied bliuwt ús útgangspunt, mar we lizze in tal nije aksinten. We sjogge wat goed wurket en wêr't we bystjoere moatte. Dêrby tinke we ek om gedrach yn it ferkear en hanthavening. Ekstra oandacht jouwe we oan de feiligens en ynrjochting fan shared space-gebieten, wêrby't we yn alle gefallen kritysk sjogge nei de ynrjochting fan it Blokhuisplein. Dêrneist ûndersykje we oft in maksimumsnelheid fan 70 km/o op de Overijsselselaan mooglik is. Ek wurdt yn dizze perioade de knip by de Stationsweg realisearre, sadat de ferkearsfeiligens, de leefkwaliteit yn de neist-lizzende gebieten en de trochstreaming fan it iepenbier ferfier ferbettere wurde.

We fiere yn dizze perioade gjin emisjefrije sônes yn. Wol wurkje we oan betingsten foar duorsume mobiliteit en skjinnere lucht, lykas laadynfrastuktuer en mobliteits-hubs. Foar de mobliteitshubs sjogge we nei de stedsrânehub Werpsterhoeke en de wykhub De Werp, De Fellingen en earste faze Spoordok.

Feiligens foarop yn it ferkear

Wy wolle dat elk him feilich fepleatse kin. Dêrom wurkje we oan in ferkearsfeilige ynrjochting fan de iepenbiere romte. Troch wegen oars yn te rjochtsjen, kinne we it hâlden en dragen yn it ferkear ferbetterje. Yn it bysûnder hawwe we omtinken foar de wegestruktuer om it Europaplein, WTC en de Tesselschadestraat hinne. Wêr nedich nimme we ekstra maatregels, bygelyks by skoallen en yn wenwiken. Dat keppelje we oan gebietsûntwikkeling. Foar fatbikes en flugge fytsen folgje we lanlike regels, mar nimme we ek sels maatregels. We sette yn op in doelfêste oanpak en hanthavening. Doel is om ûnfeilich hâlden en dragen te ûntmoedigjen.

Ferfangen fan kapitaalsaken

De gemeente is ferantwurdlik foar it ûnderhâld fan in soad kapitaalsaken, lykas riolearring, brêgen, iepenbiere ferljochting, gemeentlike gebouwen en wâlkearingen. De kommende perioade ynvestearje we doelbewust yn de ferfanging en renovaasje fan wichtige ynfrastuktuer, wêrûnder de Van Harinxmabrêge. We kieze foar in effektive oanpak, wêrby't sawol libbensdoerferlinging as it behâld fan grûnstoffen en finansjele restwearde sintraal stean. Tagelyk bringe we de folsleine omfang fan de ferfangingsopjefte better yn byld. Sa kinne we yntiids stjoere op prioriteiten, betelberens en kinne we komme ta in takomstbestindige oanpak fan de ferwachte ferfangingspyk.



Behâld en werbrûken fan erfgoed

Erfgoed is wichtich foar de identiteit en romtlke kwaliteit fan ús gemeente. Troch erfgoed sichtber en brûkber te hâlden, fersterkje we de leefomjouwing. Tagelyk stiet erfgoed ûnder druk, bygelyks troch leechstân en feroaringen yn gebrûk. Dêrom meitsje we keuzes.

We sette yn op behâld en werbrûken, foaral fan monumintale tsjerkegebouwen. Per lokaasje besjogge we wat mooglik is. We rjochtsje ús op plakken dêr't dat it meast nedich is en dêr't it bydraacht oan de leefberens. We witte dat werbrûken net altyd slagget. It freget om in soarchfâldich en respektfol proses, mei omtinken foar de wearde fan dy gebouwen. Yn dizze perioade bepale wat dêrfoar nedich is en wat ús rol is.

3.2. Wurkje oan in duorsume en griene omjouwing

Transysje nei duorsumens

De gemeente Ljouwert stiet foar grutte transysjes op it mêd fan klimaat, enerzjy, bioferskaat, wetterbehear en sirkulariteit. Dy transysjes hingje nau gear mei-inoar gear en hawwe effekt op de ynrjochting fan de leefomjouwing. Mei it It programma Volhoudbaar is de ôfrûne jierren stevich ynset op in duorsume enerzjyfoarsjenning, in griene en klimaatbestindige leefomjouwing en mear útfieringskrêft binnen de

gemeente. De kommende jierren bouwe we dêrop fierder. Tagelyk wolle we ta nei in situaasje wêryn't de oanpak en wurkwize fan Volhoudbaar hieltyd mear ûnderdiel wurde fan de reguliere wize fan wurkjen. Rjochting de ein fan dizze bestjoersperioade sil it programma stadichwei opgean yn de fêste organisaasje. Dêrop foarútrinnend sette we minder eigen middels yn en sjogge we neidruklik nei kânsen om aktiviteiten fuort te setten mei finansiering fan it Ryk en oare eksterne subsydzjes.

Grien behear en it fergrutsjen fan bioferskaat

In griene en sûne leefomjouwing is fan grutte wearde foar ynwenners, bisten en natuer. Bioferskaat draacht by oan sûnens, leefberens, klimaatadaptaasje en in oantreklike iepenbiere romte. Dêrom wurkje we folop oan in natuerynklusive ynrjochting fan stêd, doarpen en bûtengebiet. We fersterkje de Ljouwerter Ekologyske Struktuer, ferbetterje leefgebieten foar bisten en fergrutsje kennis oer natuerwearden yn ús gemeente.

De kommende perioade rjochtsje we ús op de útfiering fan de wetlike taken dy't we op dat mêd hawwe. De fokus leit op útfiering, gearwurking en tûke keppelingen mei oare opjeften lykas it griener meitsjen, klimaat-adaptaasje en wetterbehear. Ek hawwe we each foar it deistich behear fan de iepenbiere romte. It bestriden fan ûnkrûd op ferhurdingen makket dêr ûnderdiel fan út, sadat de leefomjouwing skjin, feilich en goed ûnderholden bliuwt, mei wêr mooglik omtinken foar duorsume en miljeufreonlike metoaden. Om't it groeiseizoen langer wurdt, is it needsaaklik om te ynvestearjen yn ûnkrûdbestriding om it ûnderhâldsnivo op oarder te hâlden.

Dêrneist hâlde we omtinken foar it wolwêzen fan bisten, mei de ambysjes út de Nota Dierenwelzijn as útgongspunt. Goeie soarch foar bisten heart by in belutsen en soarchsume mienskip. Dêrom meitsje we jild frij om de basis útfiere te kinnen.

Tûker brûken fan wetter

klimaatferoaring soarget hieltyd faker foar ekstreme delslach en langere perioaden fan drûchte. Dêrom besteegje we mear omtinken oan (rein)wetter yn romtlke plannen en projekten, sadat de gemeente Ljouwert better taret is op takomstige waarsekstremen. Wetteropfang, griener meitsjen en grûnkwaliteit hingje dêrby nau mei-inoar gear.

Wy wolle reinwetter tûker brûke en romte jaan yn wiken, doarpen en iepenbiere romte. Dêrfoar sykje we neidruklik de ferbining mei griener meitsjen troch oanplant fan beammen. Inisjativen fan ynwenners en

organisaasjes dy't bydrage oan in klimaatbestindige leefomjouwing wolle we wêr mooglik stypje en stimulearje.

Offalskieding leanje litte

We stimulearje ynwenners wer om ôffal te skieden. Offalskieding soarget foar minder restôffal, it werbrûken fan grûnstoffen en legere kosten foar elkenien. We gean troch mei it tapassen fan Diftar as útgongspunt foar it ôffalbelied: skiede leannet en de fersmoarger betellet. Ynwenners wurde stimulearre om ôffal better te skieden troch in taryfsysteem mei in fêst en in fariabel part. It fêste taryf dekt de algemiene kosten, wylst it fariabele taryf ôfhinklik is fan hoefolle restôffal oanbean wurdt. Sa befoarderje we ôffalskieding, beheine we restôffal en soargje we foar in earlike ferdieling fan kosten. Dêrneist sette we wer yn op it opromjen fan swerfôffal en sille we it bypleatsen fan ôffal tsjingean.

Sirkulêre kopposysje útbouwe

Fryslân is wrâldwiid koprinner op it mêd fan sirkulêre ekonomy en as haadstêd nimme we ferantwurdlikens om dy posysje te fersterkjen en út te bouwen. As aktyf lid fan de Feriening Circulair Fryslân wurkje we folop oan it behâld fan grûnstoffen en it sluten fan grûnstof-syklussen. Dat dogge we foaral by de sektoaren dêr't dat de measte impact hat, lykas gebietsûntwikkeling, ynfrastuktuer, fêstgoed en de fasilitearre tsjinst. Wêr't dat kin, sykje we in keppeling mei de ekonomyske spearpunten fan ús gemeente: wettertechnology, grûn en agri-food. Bygelyks troch nije ûntwikkelingen te stimulearjen fia it ynnovaasjefûns, gemeentlike ynkeap of tenders by gebietsûntwikkeling.

Ferduorsumjen gemeentlik fêstgoed

De gemeente hat in wichtige foarbyldrol as it giet om ferduorsumjen. Dêrom geane we troch mei te ynvestearjen yn it ferduorsumjen fan gebouwen en foarsjenningen. Dêrmei ferminderje we de CO₂-útstjit, ferleegje we enerzjykosten en drage we by oan in gemeente dy't duorsum is en klear foar de takomst.


By ferduorsumjen meitsje we bewuste keuzes op basis fan maatskiplike impact, enerzjybesparring en finansjele helberens. Wy wolle ferduorsumjen stap foar stap útfiere en sykje dêrby nei in goeie balâns tusken ambysje en betelberens. We jouwe prioriteit oan gebouwen mei in maatskiplike funksje, lykas sportfoarsjenningen, swimbaden, wyk-, buert- en doarpshuzen. Hieltyd sjogge we nei de helberens, beskikbere subsydzjes en mooglikheden foar kofinansiering.

In takomstbestindige enerzjyfoarsjenning

De enerzjytransysje is needsaaklik om klimaatferoaring tsjin te gean en ús enerzjyfoarsjenning klear foar de takomst te meitsjen. Wy wolke CO₂-útstjit ferminderje en soargje foar in duorsume enerzjyfoarsjenning dy't betelber en betrouber bliuwt. It tebekkringen fan enerzjy-earmoed bliuwt wichtich. We sette yn op enerzjybesparring en ferduorsumjen, sadat ynwenners minder ôfhinklik wurde fan hege en fluktuearjende enerzjykosten. Tagelyk sjogge we dat netkongesty in groeiend probleem foarmet foar ynwenners, ûndernimmers en maatskiplike ûntwikkelingen. Beheinde romte op it elektrisiteitsnet kin ferduorsumjen en ekonomyske ûntwikkeling fertraagje. Dêrom wolke we as gemeente aktyf meitinke en gearwurkje mei ynwenners, bedriuwen, netbehearders en oare oerheden om knyp punten, lykas netkongesty, safolle mooglik te beheinen. Binnen ús mooglikheden sette we yn op it better ôfstimmen fan fraach en oanbod fan enerzjy, ûnder oare troch lokale opwekking ticht by de enerzjyfraach te stimulearjen.

Mei agrariërs wurkje oan in takomstbestindich lanlik gebiet

It lanlik gebiet en de agraryske sektor binne fan grutte wearde foar de gemeente Ljouwert. Boeren soargje net allinnich foar de produksje fan iten, mar drage ek by oan leefberens, lânskipbehear, natuer en ekonomy. Tagelyk spylje der (lanlik) grutte maatskiplike opjeften op it mêd fan wetter, klimaat en natuer. Wy wolke neist ús agrariërs stean en mei-inoar wurkje oan in duorsume sektor dy't klear is foar de takomst. Us rol dêrby is foaral fasilitearjend en stypjend. We biede romte oan ynnovaasje, ferbreiding en it boerebedriuw, rekreaasje en nije fertsjinnersmodellen. Dêrfoar sykje we aktyf gearwurking mei kennisynstellingen en ynnovative partners, lykas Dairy Campus en WaterCampus. Dêrneist wolke we de ferbining tusken stêd en plattelân fersterkje, ûnder oare troch lokale sirkwys en streek-produkten te stimulearjen. We hawwe omtinken foar bioferskaat, grûn- en wetterkwaliteit en in leefber bûtengebiet, sûnder ûnnedich ekstra regels op te lizzen.



Bydrage oan brede wolfeart

Brede wolfeart giet oer de kwaliteit fan libjen, no en yn de takomst. It biedt in kader om belied te beoardieljen op de effekten foar mins, miljeu en ekonomy. De maatregels op it mêd fan de fysike leefomjouwing hawwe direkt ynfloed op de brede wolfeart, en dan foaral op de tema's miljeu en wenjen (donkergrien werjûn). Dêrby giet it ûnder oare oer de mjitte wêryn't ynwenners tefreden binne oer harren wenomjouwing en de mjitte wêryn't se bleatsteld wurde oan fynstof. Yndirekt is der ek in relaasje mei de tema's sûnens, feiligens en wolwêzen (ljochtgrin werjûn), bygelyks fia lichaaamlke sûnens, it feiligensgefoel op strjitte en tefredenens mei it libben.

JULIE BRUIJNINCX WETHÂLDER ÚT NAMME FAN D66 PORTEFÛLJE: BOUWEN, WENJEN EN BEHEAR

Jierliks tûzen wenningen derby: dat wol ik de kommende fjouwer jier berikke. We sille bouwe foar alle doelgroepen. Fan starters oant trochstreamers en ek sosjale hier. Mar it giet net allinnich om in hûs. It giet om in thúshâld, om de folsleine leefomjouwing. Behalve nije wenningen binne der dus ek foarsjenningen nedich. Lykas in boarterstún, in wykgebou en foldwaande grien. Dêr set ik my foar yn. Neist bouwe yn 'e stêd, dogge we dat ek yn 'e doarpen. Myn ûnderfining is dat Ljouwert in noflik plak is om bern opgroei te litten. De kwaliteit fan libjen is hjir heech. Ik stribje dernei dat ús gemeente foar alle bern in noflik plak wurdt. Dat gun ik elkenien.'

**'Wy bouwe hjir
in thúshâld
foar
minsken'**

4. In ynnovatyf, sirkulêr en brûzjend Ljouwert

In sterke ekonomy en in libbene kultuer meitsje Ljouwert en syn doarpen in noflik plak foar ynwenners, ûndernimmers en besikers. Ekonomy, kennis en kreativiteit fersterkje inoar. Se soargje foar wolfeart en drage by oan grutskens en identiteit. De ôfrûne jierren is in soad berikt. Dy koers sette we troch.



We sette yn op in gearhingjende oanpak dêr't romte yn is foar ynnovaasje, duorsume groei en in fêstigingsklimaat dat klear is foar de takomst. We stimulearje de gearwurking tusken ûnderwiis, it bedriuwslibben en oerheid, sadat ideeën gauwer útgroeie ta konkrete oplossingen foar maatskiplike en ekonomyske opjeften. Ek ynvestearje we yn kultuer, erfgoed, eveneminten en rekreaasje as dragers fan libbenens en oantrekkingskrêft.

Yn dizze perioade stjoere we doelbewust op konkrete doelen foar 2030, lykas it ferbetterjen fan it ûndernimmersklimaat, groei fan ynnovaasje en wurkgelegenheid en in brûzjend kultureel aanbod⁷. Sa bouwe we fierder oan in sterke en dynamyske gemeente Ljouwert.

4.1. Ekonomysk stevige basis

In sterke ekonomy mei in ynnovatyf klimaat soarget foar banen en kânsen foar ynwenners. Dêrom wolwe we dat de gemeente Ljouwert in oantreklik plak bliuwt foar ûndernimmers en bedriuwen. Der lizze in soad goeie plannen dy't we de kommende jierren útfiere sille, yn 'e mande mei ûnderwiisinstellingen en it bedriuwslibben. We monitoarje wat wurket en stjoere by wêr nedich. De útfierberens en gefolgen fan belied foar ûndernimmers hâlde we skerp yn 'e gaten, wêrby't we romte sjogge yn de besteande budzjetten.

We stypje ûndernimmers pro-aktyf en biede harren ús tsjinsten oan. Ekstra enerzjy stekke we yn bedriuwen dy't bydrage oan de fjouwer grutte transysjes fan dizze tiid: digitalisearring, fernijbere enerzjy, sirkulêre

ekonomy en positive sûnens. Yn periodike petearen mei ûndernimmers yn stêd en doarpen helje we sinjalen oer regeldruk op en biede dêrfoar romte oan maatwurk. Binnen de beskikber romte soargje we foar foldwaande takomstbestindige bedriuweterreinen. En we sykje de gearwurking, bygelyks mei ûnderwiis, bedriuwslibben, provinsje en NG4 en F4-gemeenten⁸. We fine it wichtich om oanhâldend te ynvestearjen yn dy gearwurkingsferbannen en netwurken.

Ynvestearje yn oantreklige winkelgebieten

We hawwe omtinken foar oantreklige winkelgebieten, sawol yn 'e binnenstêd as dêrbûten. We fine detailhannel yn 'e binnenstêd wichtich, mar ynvestearje ek yn oare winkelgebieten. We wolwe keuzes op maat meitsje kinne en lizze de ferbining mei de wenopjeft. Yn 'e buert fan winkelsintra lizze kânsen foar wentebou. Wy wolwe dy gebieten tûker benutte, bygelyks troch ynwreidzjen. Sa hâlde we ús winkelgebieten leefber en soargje we foar sterke wiken.

De Centrale is in wichtich winkelplak foar Ljouwert en de regio. De kommende perioade wolwe we op 'e nij it winkeloanbod en de branchearring fan dat plak tsjin it ljocht hâlde.

⁸ NG4 is it gearwurkingsferbân fan de fjouwer noardlike grutte gemeenten (Ljouwert, Grins, Assen en Emmen). De F4-gemeenten binne de fjouwer grutste gemeenten fan Fryslân: Ljouwert, Smellingerlân, Súdwest-Fryslân en It Hearrenfean. Dy gemeenten wurkje gear op regionale ekonomyske, romtlke en maatskiplike opjeften.

⁷ Yn bylage 1 stiet in oersjoch fan de doelen foar 2030.





Ynvestearje yn ynnovaasje, kennis en talint

Ynnovaasje en talint binne wichtich foar de ekonomy fan de gemeente Ljouwert. Fryslân is koprinne op it mêd fan sirkulêre ekonomy en wettertechnology. Dy kopposysje wolke we fêsthâlde. Us spearpuntesektoaren oangeande wetter, grûn en sirkulariteit wolke we fierder ferstevigje en wettertechnology wolke we better ferbine mei grûnteknologje en de agrifood-sektor. Sa fersterkje we ús ekonomysk profyl en fergrutsje we ús oantrekkingskrêft. Dat dogge we yn nauwe gearwurking mei ûnderwiisinstellingen, bedriuwen en oare oerheden.

Dêrneist sette we yn op fierdere ûntwikkeling fan it akademysk klimaat. We gean troch mei it ynvestearjen yn kampussen en kennisinstellingen, lykas de WaterCampus, wêrûnder Wetsus. We binne bliid mei de RUG Campus Fryslân as oanfolging op it rike, besteande MBÛ- en HBÛ-ûnderwiis yn Ljouwert. Foar de kommende perioade sjogge we kânsen yn de ûntwikkeling fan in Bodemcampus. We stimulearje gearwurking fia netwurken en it ynnovaasjefûns. Dêrneist wolke we talint oanlûke en behâlde. Dat dogge we troch te soargjen foar foldwaande (studinte)húsfesting en by te dragen oan Ljouwert Student City. Dêrneist is in goeie oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk fan belang.

4.2. Marketing, rekreaasje en toerisme

We wolke dat besikers langer yn de gemeente Ljouwert bliuwe en de stêd mear sjen sille as útfalsbasis foar de regio It Waad. Dêrby soargje we foar in goeie balâns tusken libbenens en leefberens. We ynvestearje yn in dúdlike profilearring fan Ljouwert en ús wettersportdoarpen en sette marketing en toerisme doelfêster en struktureler yn. Ek sjogge we kânsen yn it yntinsivearjen fan de gearwurking en mienskiplike profilearring fan de regio. Bygelyks as it giet om it Waadgebiet, de 11 Stêden, agrotourisme of it gean nei ien fan ús prachtige natuergebieten.

Dêrneist hawwe we each foar it belang fan toerisme foar de ekonomy en foar ûndernimmers. We ferbetterje de kommunikaasje, bygelyks by wurksumheden en it op 'e nij ynrjochtsjen yn de stêd. En we stimulearje in oantreklik en fariearre aanbod fan hoareka en rekreaasje.

Om as toeristyske bestimming noch oantrekliker te wurden, ynvestearje we de kommende jierren yn it kulturele aanbod en doelfêste marketing. We sette op 'e nij yn op (it ynkeapjen fan) festivals en eveneminten, marketing en op in weardefolle kulturele programmearring. Om dat struktureel dekke te kinnen wurdt de toeristebelesting ferhege.

4.3. It belang fan kultuer

Kultuer is ûnmisber foar in libbene en oantreklike gemeente. It bringt minsken byinoar, stimulearret kreativiteit en draacht by oan persoanlike ûntwikkeling. Kultuer is in wichtige fêstigingsfaktor foar jongeren, húshâldingen en studinten. Mei partners wurkje we oan in werkenber kultureel profyl fan ús gemeente. It besteande kultuerbelied rint oant en mei 2028. We ynvestearje wer yn We the North, Explore the North, de Harmonie, City of Literature en ynnovaasjebudzjet foar kultuer. Dêrneist jouwe we foar ien kear in bydrage oan it Natuermuseum foar it ferduorsumjen en fernijen fan de fêste útstalling. Foar de perioade nei 2028 meitsje we in nije keunst- en kultuernota en kinne we fierder bouwe op de moaie kulturele basis dy't der leit. We soargje dat it kulturele aanbod breed en tagonklik bliuwt. Foar ynweners yn 'e stêd én yn ús doarpen.

We ynvestearje yn talintûntwikkeling, kultueredukaasje en in sún skeppersklimaat. It Ruiterskwartier, mei de (ferboude) Harmonie, Neushoorn en Firda, sjogge we as it plak dêr't talintûntwikkeling en gearhingjende programmearring byinoar komme. De fernijing fan it Ruiterskwartier en de Harmonie brûke we as oanlieding om de gearwurking yn dat gebiet in ympuls te jaan. Dêrneist soargje we ek op oare plakken foar foldwaande en betelbere wurk- en moetingromten foar kultuer. Dêrfoar bringe we fraach en aanbod fan skoallen, kulturele instellingen en ferieningen better byinoar, by foarkar fia ien dúdlike yngong. Wêr't it kin meitsje we tûker gebrûk fan gemeentlik fêstgoed. It Histoarysk Sintrum Ljouwert (HSL) hat in wichtige funksje as iepen histoarysk platfoarm. We sette ús dêr aloan wer foar yn. Der is wol minder budzjet foar it HSL, wat liede kin ta minder eksposysjes en lêzingen.

Kultuer as motor foar leefberens

Kultuer stiet net op himsels, mar draacht by oan leefberens en sosjale gearhing yn de doarpen en de stêd. Dêrom hawwe we each foar skeppers, (keunst) inisjativen út de mienskip en HaFaBra⁹. We stypje amateurkeunst en ferieningen aloan wer. We jouwe mei ekstra budzjet in doelfêste ympuls oan de lokale kultuer. Dat dogge we fia ús subsydzjeregeling foar amateurkeunst en mei subsydzje foar muzykferieningen fia Samenwerkende Muziekverenigingen Leeuwarden (SML). We lizze de ferbining mei de ynset yn doarpen en wiken, dêr't ek fia oare budzjetten wurke wurdt oan leefberens en inoar moetsjen. Mei in gearhingjende oanpak meitsje we sa mear mooglik.

⁹ HaFaBra is in sammelnamme foar de amateurmuzyksector en stiet foar Harmony, Fanfare, Brassband. It giet om muzykferieningen dy't mei-inoar in wichtige rol spylje yn it kulturele en sosjale libben yn doarpen en stêden.

Kultuer tagonklik foar alle jongeren

Kultueredukaasje is wichtich foar de ûntwikkeling en kreativiteit fan bern en jongerein. Fia organisaasjes as Kunstkade en harren kultuercoaches meitsje we keunst en kultuer tagonklik foar alle jongeren, fan berne-opfang oant fuortset ûnderwiis. De kommende perioade jouwe we ekstra omtinken oan muzykûnderwiis en stypje we skoallen dêrby. Ek wolke we dat jongeren makliker yn oanrekking komme mei kultuer. Dêrom ûndersykje we hoe't we musea better tagonklik meitsje kinne foar jongeren.

Romte foar in fariearre aanbod fan eveneminten

Eveneminten binne wichtich foar in libbene gemeente. Se bringe ynwenners en besikers byinoar en drage by oan de ekonomy. We sette de besteande koers fuort en ynvestearje fierder yn in goed en fariearre aanbod fan eveneminten, mei omtinken foar kwaliteit, sprieding en gearwurking. We soargje dat de iepenbiere romte op oarder is, sadat eveneminten plakfine kinne yn in feilige en oantreklike omjouwing.

Eveneminten fan mear dagen, wêrûnder festivals, fine we wichtich binnen it folsleine aanbod fan de gemeente Ljouwert. Dy eveneminten drage by oan de leefberens

fan ús gemeente en wolke we in plak biede kinne. Us foarkar giet út nei de Groene Ster as lokaasje foar eveneminten en kultuer. Op basis fan de útspraak fan de Ried fan Steat besjogge we wat op dat plak mooglik is.


Arcadia 2028

We bouwe fierder op de krêft fan Ljouwert as Kulturele Haadstêd. Oansprekkende kultuerprojekten en -programma's spylje dêr in wichtige rol yn. Arcadia bliuwt in wichtich kultureel úthingboerd foar Ljouwert en Fryslân. Foar 2028 stribje we nei in krêftige, tagonklike en publyksfreonlike edysje mei dúdlike regionale en boppreregionale útsjering. We rjochtsje ús op mear impact foar ynwenners, besikers en skeppers. Yn 'e mande mei de organisaasje soargje we foar dúdlike ôfspraken oer rjochting, kwaliteit en gearwurking foar in suksesfolle edysje yn 2028.

We sjogge de kommende edysje as in folgjende stap yn de kulturele ûntwikkeling fan de gemeente Ljouwert. Dêrmei komt ús tsienjierrich programma nei oanlieding fan Kulturele Haadstêd 2018 ta in ein. We hâlde romte om ambysjes by te stellen as dat nedich is en gean troch mei te sjen nei mooglikheden foar oare kulturele ympulzen yn de takomst.

Bydrage oan brede wolfeart

Brede wolfeart giet oer de kwaliteit fan libjen, no en yn de takomst. It biedt in kader om belied te beoardieljen op de effekten foar mins, miljeu en ekonomy. De maatregels op it mêd fan ekonomy, marketing en kultuer hawwe direkt ynfloed op de brede wolfeart, foaral op it tema arbeid & frije tiid (donkerpears werjûn). It giet ûnder mear om wurkgelegenheid en ynkommen. Dêrneist is der in yndirekte relaasje mei de tema's miljeu, wolwêzen en mienskip (ljochtpears werjûn), bygelyks as it giet om frijwilligerswurk en partisipaasje.



MARCEL VISSER WETHÂLDER ÚT NAMME FAN DE VVD PORTEFÛLJE: WURK, KULTUER EN TSJINSTFERLIENING

'In betelle baan foar safolle mooglik ynwenners. Dat is myn stribjen! Want in baan betsjut mear as allinnich ynkommen. Betelle wurk soarget foar foldwaning, sosjale kontakten en finansjele selsstannigens. Dêrom sil ik my maksimaal ynsette om it tal minsken yn de bystân nei ûnderen te bringen. Mei deselde ynset en fol entûsjasme gean ik ek oan 'e slach mei kultuer. Kultuer is gjin kostepost, it is in ynvestearring. Want it skept wurkgelegenheid en fersterket ûndernimmerskip. Boppedat makket kultuer ús gemeente oantreklik om te wenjen, wurkjen en ûndernimmen. De opjeften binne grut, mar gelokkich doch ik it net allinnich. Ik sjoch tige út nei de spontane moetingen mei ynwenners, bedriuwen en organisaasjes. Mei-inoar gean we oan de slach.'

**'Kultuer is gjin
kostepost, it is
in ynvestearring'**

5. In feilige en striidbere mienskip

In feilige gemeente is de basis foar in goed libben. Elkenien moat him frij en feilich fiele yn de buert, op strjitte en online. Feiligens giet net allinnich oer it tefoaren kommen fan kriminaliteit, mar ek oer it gefoel datst derby hearst en dysels wêze kinst. Tagelyk feroaret de wrâld. Nije foarmen fan kriminaliteit, digitale dringen en spanningen yn de mienskip hawwe ek lokaal ynfloed. Dat freget om in gemeente dy't foarút sjocht, gearwurket en stevich optreedt wêr't dat nedich is.



De kommende jierren kieze we foar in brede en gearhingjende oanpak, mei in wichtige rol foar previnsje en hanthavening. We sette mei klam yn op it betiid sinjalearjen fan oerlêst en kriminaliteit, it fergrutsjen fan digitale en maatskiplike striidberens en it beskermjen fan kwetsbere ynwenners. Tagelyk trede we stevich op wêr't oer grinzen hinnegien wurdt en meitsje we de romte foar ûnderminende kriminaliteit lytser.

We ynvestearje aloan wer yn gearwurking mei ynwenners, ûndernimmers en partners, en nimme de regy wêr't dat nedich is. Yn dizze perioade stjoere we doelbewust op konkrete doelen foar 2030, lykas it fergrutsjen fan it gefoel fan feiligens, it tebekkringen fan (digitale) kriminaliteit en it fersterkjen fan de striidberens fan ús mienskip¹⁰. Sa bouwe we fierder oan in feilige en fearkrêftige gemeente.

Kieze foar in gearhingjende oanpak

Problemen mei feiligens hingje faak gear mei oare ûnderwerpen. Tink oan soarch, sosjaal belied en hoe't we ús leefomjouwing ynrjochtsje. Sa't yn haadstik 2 (ûnderdiel soarch en feiligens) omskreaun is, kin dat liede ta komplekse fraachstikken. Dêrom kieze we foar in gearhingjende oanpak. We wurkje gear mei partners en sjogge oer ferskate beliedsterreinen hinne nei oplossingen.

Ek yn it opnij ikerjen fan de Omjouwingsfyzje besteege we omtinken oan feiligens. Dêrneist soargje we dat de iepenbiere romte skjin, hiel en feilich is. Dat helpt om minsken har feiliger fiele te litten. Dêrneist pakke we strjityntimidaasje aktyf oan troch it stypjen fan programma's foar bewustwurdiging en previnsje.

We freegje aloan wer omtinken foar foldwaande plysje-kapasiteit. Tagelyk wreidzje we de gearwurking tusken alle oanbelangjende partijen út. Feiligens is op 't lêst in mienskiplike opjefte. Troch ynformaasje te dielen en inoar te fersterkjen, berikke we mear. We wurkje nau gear mei de plysje, it Ryk, de feiligensregio en maatskiplike partners. Ek ynwenners en ûndernimmers spylje in wichtige rol.

Foarkomme is better: ekstra oandacht foar jongerein

Wy wolle problemen tefoaren komme foar't se ûntstean. Dêrom sette we yn op previnsje. We wurkje gear mei skoallen, jongereinwurk, soarchorganisaasjes en de plysje. Problemen sinjalearje we op 'e tiid en minsken

krije de goeie help.

We hawwe ekstra omtinken foar jongerein. We biede harren kânsen en stipe wêr't dat nedich is. Sa komme we oerlêst en kriminaliteit tefoaren. Programma's lykas Preventie met Gezag brûke we aloan wer en sette we ekstra krêft by, wêr mooglik. Dêrneist ynvestearje we yn gearwurking en it dielen fan ynformaasje. Netwurken lykas it Zorg- en Veiligheidshuis bliuwe wichtich.

We fersykje de boargemaster, as ferantwurdlik portefúlgehâlder, it hjoeddeistige belied oangeande coffeeshops te evalúearjen. Dêrby leit de klam op it gebrûk fan middels ûnder jongerein, oerlêst en de leefberens.

Oanpak fan ûndermining fuortsette en útwreidzje

Underminende kriminaliteit docht skea oan de mienskip én it fertrouwen yn de gemeente. Kriminele netwurken meitsje gebrûk fan kwetsberens yn wiken, op bedriuwerreinen en yn it bûtengebiet. Dat pakke we stevich oan.

De hjoeddeistige oanpak sette we troch en wreidzje we fierder út. We kieze foar in yntegrale oanpak, mei omtinken foar previnsje, tafersjoch en hanthavening. Ynstruminten lykas de Bibob-toetsing sette we wer aktyf yn en we yntinsivearje de gearwurking mei regionale en lanlike partners. Binnen dy oanpak hawwe we eksplisyt omtinken foar it tsjingean fan minskehannel en yllégale prostitúsje. Mei each foar it sinjalearjen fan útrûpeljen, it beskermjen fan slachtoffers en it oanpakken fan misstannen.

Om mei dy oanpak krêftich fierder te gean, stelle we ek foar dizze koälysjeperioade ekstra middels beskikber foar de yntinsivere oanpak fan ûndermining. Sa stean we sterker en meitsje we it kriminelen dreger om har hjir te fêstigjen of aktiviteiten fuort te setten.

In spesifyk gebiet dêr't we de kommende jierren ekstra omtinken oan jaan wolle op it mêd fan feiligens, is de Weaze. We sette yn op in feilige wurkomjouwing en op it tebekkringen fan ûnderminende kriminaliteit. Oer de takomstige funksje fan de Weaze en de fierdere útwurking dêrfan komme we yn dizze perioade werom.

¹⁰ Yn bylage 1 stiet in oersjoch fan de doelen foar 2030.

Foldwaande kapasiteit foar tafersjoch en hanthavening

Hanthavening is essinsjeel foar in feilige gemeente. Us hanthaveners binne sichtber oanwêzich en binne in oansprekpunt foar ynwenners en ûndernimmers. Sy hâlde tafersjoch, hanthavenje regels en sjogge wat der spilet. Troch it budzjet struktureel te meitsjen, soargje we foar genôch minsken en kontinuïteit. Sa gean we troch mei it ynvestearjen yn in stabile en profesjonele organisaasje. Wy wolle dat hanthaveners fleksibel ynspylje kinne op wat nedich is. Tink oan ynset yn de binnenstêd, op bedriuweterreinen, yn doarpen en op it wetter.

Tagelyk soargje we foar dúdlikens en in profesjonele útstrieling. We folgje de lanlike line as it giet om uteringen fan leauwensuteringen by meiwurkers yn de hanthavening. Dêrby garandearjen we rjochtsgelikens en werkenberheid yn 'e útfiering.


Fergrutsjen fan digitale feiligens en striidberens

Digitale dringingen nimme ta. Cyberkriminaliteit, online fraude en digitale fersteuringen reitsje ek ús gemeente. Dêrom fergrutsje we ús digitale striidberens.

We ynformearje ynwenners en ûndernimmers en soargje dat ús eigen organisaasje goed taret is op digitale ynsidinten. By digitale ûntwikkelingen hâlde we neidruklik each foar privacy en grûnrjochten, sadat feiligens hân yn hân giet mei soarchfâldigens en fertrouwen. We fersterkje ús krisisorganisaasje. Sa binne we better taret op grutte fersteuringen en kinne we fluch en efektyf hannelje as dat nedich is. Ek fergrutsje we de striidberens fan de mienskip troch mei partners - yn line mei de lanlike en provinsjale rjochtlinen - te wurkjen oan de tarieding op grutte fersteuringen en crises.

Iepenbiere oarder beweitsje en ferbining fersterkje

We beweitsje de iepenbiere oarder en soargje dat elkenien him feilich fielt yn de publike romte. We binne alert op maatskiplike spanningen, polarisaasje en oare ûntwikkelingen en gripe yn wêr't dat nedich is. Tagelyk sette we yn op ferbining en dialooch. Sa komme we tefoaren dat spanningen eskalearje. We folgje wetlike kaders, bygelyks oangeande demonstraasjes en grûnrjochten, en passe dy soarchfâldich ta.



Bydrage oan brede wolfeart

Brede wolfeart giet oer de kwaliteit fan libjen, no en yn de takomst. It biedt in kader om belied te beoardieljen op de effekten foar mins, miljeu en ekonomy. De maatregels op it mêd fan feiligens hawwe direkt ynfloed op it brede wolfeartstema feiligens en mienskip (donkerturquoise werjûn). Dêrby giet it ûnder oare om it tal misdriuwen en it gefoel fan feiligens. Dêrneist hawwe de maatregels yn dit haadstik yndirekt effekt op oare tema's fan brede wolfeart, lykas wolwêzen, sûnens, wenjen en arbeid & frije tiid (ljocht-turquoise werjûn).

EVERT STELLINGWERF
WETHÂLDER ÚT NAMME FAN PRO
PORTEFÛLJE: ROMTE, GEBIETS-
ÛNTWIKKELING, DUORSUMENS EN
MOBILITEIT

'De kommende jierren meitsje we Ljouwert klear foar de takomst. Wat dat betsjut? We wolle suniger omgean mei natuer, wetter, grûnstoffen en enerzjy. Sadat ús gemeente leefber en sûn bliuwt foar takomstige generaasjes. Troch gebietsûntwikkeling meitsje we ús gemeente oantrekliker foar mins en bist. Dêrby moatte we de romte tûk brûke, sadat nije mooglikheden ûntstean foar wenjen, natuer en duorsume enerzjy. We pakke troch mei projekten dy't al rinne. Lykas de fernijing fan de binnenstêd en de ûntwikkeling fan Spoordok. Wat my oangiet is der neat moaier om in projekt dat start is, ta in moai ein te bringen!'

**'We gean foar in
sûne en duorsume
leefomjouwing'**

6. In betroubere en werkenbere gemeente

Ynwenners ferwachtsje in gemeente dy't betrouber, dúdlik en tichtby is. Tagelyk feroarje de mienskip en de rol fan de oerheid fluch. Digitalisearring, maatskiplike feroaringen, krapte op de arbeidsmerk en aloan kompleksere fraachstikken freegje om in gemeente dy't fleksibel is, goed gearwurket en foarútsjocht.



De kommende jierren ynvestearje we dêrom yn in takomstbestindige organisaasje en in tagonklike, gearhingjende tsjinstferliening. Wy binne sichtber oanwêzich yn wiken en doarpen en wurkje aktyf gear mei ynwenners, ûndernimmers en partners. Inisjativen út 'e mienskip stypje we op in dúdlike en soarchfâldige wize. Tagelyk benutte we kânsen yn 'e regio, Den Haag en Brussel om ús ambysjes krêft by te setten.

We nimme regy wêr't dat nedich is en jouwe romte wêr't dat kin. Yn dizze perioade stjoere we doelbewust op konkrete doelen foar 2030, lykas it ferbetterjen fan tsjinstferliening, it fergrutsjen fan belutsenens fan ynwenners en it fersterkjen fan ús posysje en slachkrêft yn (ynternasjonale) netwurken¹¹. Sa bouwe we oan in betroubere gemeente dy't klear is foar de takomst.

Betroubere en ienfâldige tsjinstferliening

Yn de gemeente Ljouwert jout 82% fan de ynwenners oan fertrouwen te hawwen yn de gemeente. Dat is heger as it lanlike gemiddelde, mar tagelyk gjin fanselsprekkendheid. Just yn in tiid dêr't maatskiplike fraachstikken kompleksere yn wurde en ferwachtingen rjochting de oerheid feroarje, bliuwt it wichtich om sichtber te ynvestearjen yn fertrouwen, berikberens en belutsenens. Tsjinstferliening spilet dêr in wichtige rol yn.

Yn de ôfrûne jierren hat de gemeente Ljouwert stevich ynset op it ferbetterjen en fernijen fan de tsjinstferliening. Fanút de brede fyzje op tsjinstferliening en doelfêste útfieringsprogramma's binne wichtige stappen set op it mêd fan berikberens, tagonklikens en ynnovaasje. Ynwenners ûnderfine mear mooglikheden foar persoanlik kontakt, bettere digitale stipe en mear maatwurk wêr't dat nedich is. Wy fine it wichtich dat de gemeente foar elkenien tagonklik is en bliuwt. De ynsette ûntwikkeling nei in gemeente dy't dúdlik kommunisearret, flugger reagearret en tsjinstferliening better oanslute lit op it ferlet fan ynwenners, sette we de kommende jierren fuort. Om't we sjogge dat fraach en oanbod no net altyd goed opinoar oanslute, kieze we derfoar om it gemeentehûs op tongersdeitejûn te sluten foar ôfspraken. Frije ynrin by boargersaken bliuwt op de wenstige mominten wol mooglik. Dêrneist sette we de webside allinnich noch mar oer yn it Ingelsk en net mear yn it Frysk.

Technology soarchfâldich ynsette

Technology en digitalisearring spylje in hieltyd gruttere rol yn it funksjonearjen fan de gemeente. Data en digitale tapassingen biede kânsen om tûker te wurkjen, bettere analyses te meitsjen en de tsjinstferliening fierder te ferbetterjen. De gemeente Ljouwert ûntwikkelet him ta in moderne digitale organisaasje, dêr't technology en keunstmjittige yntelliginsje (AI) in mear fanselssprekkend ûnderdiel yn wurde fan de deistige praktyk. Tagelyk bliuwe we realistysk oer de mooglikheden en beheiningen fan nije technology. Digitale tapassingen en AI freegje om soarchfâldige ôfwagingen en ferantwurde gebrûk. Privacy, ynformaasjebefeiliging, cybersecurity, AVG-fraachstikken en minsklike toetsing bliuwe dêrom wichtige rânebetingsten by fierdere digitalisearring. It útgongspunt bliuwt dat tsjinstferliening persoanlik en tagonklik bliuwe moat, mei romte foar maatwurk en omtinken foar ynwenners dy't minder digitaal feardich binne.

We sjogge kritysk nei nije ynvestearringen en meitsje dêr dúdlike keuzes yn. Net alles hoecht tagelyk. We rjochtsje ús op tapassingen dy't oanwiisber bydrage oan bettere tsjinstferliening, in organisaasje dy't klear is foar de takomst en effisjint wurkjen.

Ticht by de mienskip

Wy wolle in gemeente wêze dy't mear fan bûten nei binnen wurket. Ynwenners moatte meitinke, meiprate, meidwaan en wêr mooglik meibeslisse kinne oer harren leefomjouwing en de takomst fan de gemeente. De ôfrûne jierren is dêr hurd oan wurke, ûnder oare fia partisipaasjebelied en in oanpak dy't ôfstimd is op it gebiet. De opjefte foar de kommende jierren is om it kontakt mei de mienskip fierder te fersterkjen, better oan te sluten by wat libbet yn wiken en doarpen en romte te skeppen foar nije foarmen fan partisipaasje en demokrasy. De klam leit dêrby foaral op in oare wize fan gearwurkjen, organisearjen en oansluten by inisjativen en sinjalen út de mienskip.

ûndernimmers. maatskiplike organisaasjes moatte gauwer dúdlikens krije, goed begelaat wurde en wêr mooglik aktyf stipe wurde by kânsrike inisjativen. Utgongspunt bliuwt dat inisjativen primêr fan ynwenners en organisaasjes sels komme. Partisipaasje freget om heldere ferwachtingen en dúdlike kaders. Net alle inisjativen binne útfierber of winsklik. Dêrom wolle we foarôf dúdlik wêze oer rollen, mooglikheden en ferantwurdlikheden. Ek in 'nee' moat soarchfâldich, dúdlik en yntiids jûn wurde kinne.

¹¹ Yn bylage 1 stiet in oersjoch fan de doelen foar 2030.

ABEL REITSMA
WETHÂLDER ÚT NAMME FAN IT CDA
PORTEFÛLJE: ÛNDERWIIS,
EKONOMY EN SÛNENS

'Wolle we in takomstbestindige ekonomy?
Dan moatte we ynvestearje yn in tsjinstbere
ekonomy. Dat is in ekonomy dy't bydraacht oan
de mienskip, oan de brede wolfeart. It freget
dat we ús gemeente oantreklik hâlde foar jong
talint. Mei in goed studinteklimaat en in breed
ûnderwiisoanbod fan primêr en fuortset oant
universitêr ûnderwiis. Mei gelikense kânsen
foar elk. Net allinnich yn ûnderwiis, seker ek yn
sport. Want sport draacht by oan positiviteit en
sûnens. Dat fyn ik tige wichtich. Myn útdaging is
om dat alles byinoar te bringen. Binnen de stêd
en yn 'e doarpen. Dêrby wol ik studinten graach
meiwurkje litte oan ús opjeften en ús regio
delsette as proeftún.'

**'Us ekonomy moat
bydrage oan brede
wolfeart'**

Jongeren mear belûke by harren omjouwing


De stim fan jongeren krijt de kommende jierren
neidrukliker in plak yn ús belied en ús beslútfoarming.
Mei in ambisjeus bidbook hawwe we ús kandidaat steld
foar de European Youth Capital (EYC) 2029. Hoewol't
we dy titel net krigen hawwe, hat it trajekt weardefolle
ynsjoggen opsmitten en enerzjy losmakke. We kieze
derfoar om gjin nije kandidaatstelling foar EYC yn te
tsjinjen. De foar EYC reservearre €1,8 miljoen sette
we yn om inisjativen fan en foar jongeren mooglik te
meitsjen en harren belutsenens by de gemeente fierder
te fergrutsjen. Sa bouwe we doelbewust fierder op wat
al yn gong set is en jouwe we ynfolling oan duorsume
jongereinpartisipaasje.

Oanhâldend ynvestearje yn public affairs en lobby

As haadstêd fan Fryslân wol de gemeente Ljouwert
sichtber en foaroprinnend wêze yn 'e regio, Den Haag en
yn Brussel. In soad maatskiplike opjeften dêr't we lokaal
oan wurkje, lykas wentebou, berikberens, ekonomy,
klimaat en leefberens, freegje om lanlike en Europeeske
gearwurking en finansiering. Dêrom ynvestearje we
aloan wer yn in profesjonele ynset op lobby en public
affairs.

De ôfrûne jierren binne dêr wichtige stappen yn set. De
gemeente Ljouwert wurket aktyf gear binnen regionale,
lanlike en Europeeske netwurken, lykas de NG4, G40,
F4 en it Europapact Fryslân¹². Dy gearwurking smyt net
allinnich in sterkere posisjonearring fan Ljouwert op,
mar ek konkrete resultaten yn de foarm fan subsidzjes,
projekten en beliedsbeynfloeding. Dy ynset sette
we fuort. We rjochtsje ús op in krêftige, ynhâldlike
posisjonearring fan Ljouwert as haadstêd fan Fryslân en
sintrumgemeente fan de regio. Us ambysje is om aktyf
mei te spyljen op lanlik en Europeesk nivo, wêrby't de
fokus benammen leit op de lanlike netwurken. De ynset
fan middels en besteande bydragen nimme we kritysk
ûnder de loep, sadat beskikbere budzjetten doelfêst en
effektyf ynset wurde.

¹² De G40 is it lanlike netwurk fan middelgrutte stêden dat
gearwurket op stedske en maatskiplike opjeften. It Europa-
pact Fryslân is in Frysk gearwurkingsferbân rjochte op it
fersterkjen fan de posysje fan Fryslân binnen Europa en it
benutten fan Europeeske kânsen en subsidzjes.



Bijdrage aan brede welvaart

Brede wolfeart giet oer de kwaliteit fan libjen,
no en yn de takomst. It biedt in kader om belied
te beoardieljen op de effekten foar mins, miljeu
en ekonomy. De maatregels yn dit haadstik
hawwe direkt ynfloed op it tema mienskip
(donkergiel werjûn). Dêrby giet it ûnder oare om
it fertrouwen dat ynwenners hawwe yn elkoar
en yn ynstitúsjes. Dêrneist hawwe se yndirekt
effekt op de tema's materiële wolfeart, feiligens,
wolwêzen, arbeid & frije tiid en sûnens (ljochtgriis
werjûn).



Boppe: Hein Kuiken, Abel Reitsma, Evert Stellingwerf.
ûnder: Marcel Visser, Sybrand Buma, Julie Bruijninx,
Eelke de Jong

Portefúljeferdieling kolleezje 2026-2030

(ynklusyf doarp- en wykferdieling)

Hein Kuiken (PRO) – 1e lokoboargemaster

- › Sosjaal domein (koördinearjend)
- › Jeugd
- › Wmo en maatskiplike opfang
- › Ynkommen, earmoed en skuldhelp
- › Finânsjes
- › Kontaktwethâlder foar Vosseparkwyk, Muzyk-, Transvaal- en Fûgelwyk, Vakeriuskwartier, Westeinde, Binnenstêd, Frijheidswyk en Bilgaard

Julie Bruijninx (D66) – 2e lokoboargemaster

- › Wenjen en bouwen
- › Fergunningen, Tafersjoch en Hanthavening
- › Grûndbedriu
- › Erfgoed en monuminten
- › Asyl en migraasje
- › Behear Iepenbiere romte
- › RO-projekten Weaze, Zuidlanden en Middelsee
- › Kontaktwethâlder foar Stiens, Britsum, Jelsum-Koarnjum, Hijum, Feinsum, Alde Leie, Warten, Lekkum/Miedum/Snakerbuorren, Huzum-East, Huzum-West, Nijlân en Blitsaerd

Marcel Visser (VVD) – 3e lokoboargemaster

- › Wurk, partisipaasje en arbeidsmerk
- › Kultuer
- › Eveneminten en marketing
- › Ynklúzje en ferskaat
- › Bedriuwsfiering
- › Digitale aginda
- › Tsjinstferliening
- › Fêstgoed
- › Programma Ljouwert East
- › Kontaktwethâlder foar Goutum, Himpens-Tearns, Súdlanan, Middelsee, Suderbuorren, Vlietsône, Oldegallieën-Blommebuert, Tjerk Hiddes Cambuursterhoek, Heechterp-Schieringen en Cammingha-buorren

Abel Reitsma (CDA) – 4e lokoboargemaster

- › Underwiis
- › Kennis en ynnovaasje
- › Ekonomy
- › Rekreaasje en toerisme
- › Sport en sûnens
- › Sosjale basis
- › Oerheid en mienskip
- › Doarpen en wiken (koördinearjend)
- › Kontaktwethâlder foar Mantgum, Easterlittens, Baard, Hilaard, Hûns-Leons, Jellum-Bears, Jorwert, Weidum, Warstiens, Wytgaard, Wurdum-Swichum en Wergea

Evert Stellingwerf (PRO) – 5e lokoboargemaster

- › Romte en leefomjouwing
- › Gebietsûntwikkeling
- › Omjouwingsfyzje en omjouwingsplan
- › Klimaat, enerzjy en duorsumens
- › Sirkulêre ekonomy
- › Natuer, grûn, wetter en lânbou
- › Ynfrastruktuer en mobiliteit
- › RO-Projekten Spoarsône, Spoardok en Binnenstêd
- › Kontaktwethâlder oar Grou, Jirnsum, Friens, Reduzum, Idaerd-Eagum, Achter de Hoven, Schepenbuert, Wielenpôle, Aldlân en Oranjewyk

Boargemaster Sybrand van Haersma Buma

- › Iepenbiere oarder
- › Brânwacht en plysje
- › Yntegraal feiligensbelied en Hanthavening
- › ûndermining
- › Hoarekabelied
- › Kommunikaasje
- › Grutte Stêdebelied
- › Public Affairs en Lobby
- › Foarsitter kolleezje en Ried en Kabinetssaken

Eelke de Jong – gemeentesekretaris

- › Ferantwurdlik foar de gemeentlike organisaasje
- › Bywenjen gearkomsten fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders



Bylage I: De doelen foar 2030

Yn dit oersjoch stean per haadstik fan dit akkoart de hjoeddeistige beliedsdoelen en de doelen dêr't de koälysje de kommende perioade ekstra op ynsette wol.

In mienskip foar elkenien

- › Mear ynwenners ûnderfine regy oer harren libben en fine flugger passende stipe, mei't previnsje, soarch, wolwêzen en partisipaasje better opinoar oanslute.
- › Ynwenners ûntfange gauwer en ienfâldiger help en stipe, tichtby hûs en tagonklik foar elkenien.
- › Minder ynwenners libje yn earmoed of hawwe problematyske skulden. Help is earder beskikber en regelingen wurde better benut.
- › Mear ynwenners dogge mei fia wurk, oplieding of partisipaasje en minder minsken stean lang by de kant lâns. Yn it ferlingde dêrfan hawwe ynwenners tagong ta in takomstbestindich sosjaal ûntwikkelbedriuw dat harren perspektyf biedt.
- › Mear bern en jongeren groeie sûn, feilich en kânsryk op en ûnderfine mentale fearkrêft en stipe út harren omjouwing. Dêrneist hawwe minder jongeren jeugdsoarch nedich.
- › Underwiis, berne-opfang en stipe slute better opinoar oan. Dêrtroch krije mear bern gelikense kânsen en bliuwe minder bern thús fan skoalle.
- › Ynboargers dogge flugger mei yn de mienskip troch goeie begelieding, taalûnderwiis en tagong ta wurk of oplieding.
- › Mear ynwenners bewege regelmjittich en ûnderfine sport en bewegen as tagonklik en tichtby.
- › Mear ynwenners ûnderfine in goeie mentale en fysike sûnens en sûnensferskillen tusken wiken en doarpen binne lytser.
- › Mear ynwenners kinne langer selsstannich thús wenje mei passende stipe tichtby.
- › Sosjale oerlêst, hûslik geweld en situaasjes mei ûnbegrepen gedrach wurde earder sinjalearre en better oanpakt.
- › Mear ynwenners ûnderfine sosjale gearhing, fertrouwen en it inoar moetsjen yn harren wyk, buert of doarp.
- › Iepenbiere romte, tsjinstferliening en foarsjenningen binne better tagonklik. Elk kin meidwaan, wat de beheining, achtergrûn of basisfeardichheden ek binne.

In leefomjouwing klear foar de takomst

- › Mear ynwenners hawwe yntiids in passende en betelbere wenning. We bouwe 4.000 huzen, stimulearje trochstreaming en benutte de besteande foarried better.
- › De wenningfoarried bestiet út sirka 30% sosjale hier en de ferdieling 30/40/30 (sosjaal/midden/frij) is oanwiisber tichterby kommen as yn 2025.
- › Ynwenners ûnderfine harren wyk, buert of doarp faker as leefber en oantreklik, troch in bettere beskikberens fan grien, foarsjenningen en moetingplakken.
- › Mear monuminten en karakteristike gebouwen binne beholden of werbestimd. Erfgoed, lykas tsjerkegebouwen, draacht sichtber by oan leefberens en inoar moetsjen.
- › We wurkje rjochte op it gebiet. Dêrfoar slute ynvestearringen yn wenjen, mobiliteit, klimaat, enerzjy en ekonomy better opinoar oan en fersterkje inoar.
- › De berikberens, ferkearsfeiligens en leefkwaliteit yn de gemeente binne yn balâns en oanwiisber ferbettere.
- › Der is better sicht op de ferfangingsopjefte foar kapitaalsaken.
- › Ynwenners produsearje minder restôffal en in grutter part fan it ôffal wurdt skieden en werbrûkt.

In leefomjouwing
klear foar de
takomst

- › It bioferskaat is tanommen en der is mear grien yn wiken en doarpen. Leefgebieten foar planten en bisten binne better mei-inoar ferbûn.
- › Wiken en doarpen binne better opwoeksen tsjin ekstreme delslach en drûchte, mei't wetter fêstholden en brûkt wurdt yn de leefomjouwing.
- › Sirkulêre ekonomy is fierder ûntwikkele, mei mear wergebrûk fan grûnstoffen en in bettere keppeling tusken sirkulêre inisjativen en lokale opjeften.
- › De enerzjyfoarsjenning yn de gemeente is duorsumer, mei mear lokale opwekking en in bettere balâns tusken fraach en oanbod. Yn it ferlingde dêrfan hawwe minder húshâldens lêst fan enerzjy-earmoed.
- › De CO₂-útstjit fan gemeentlik fêstgoed is leger, benammen by gebouwen mei in maatskiplike funksje.
- › Mear gebouwen binne enerzjysunich en klimaatbestindich. Enerzjyferbrûk en útstjit fan broeikasgassen binne dêrtroch dúdlik ôfnommen.
- › Mear agrariërs binnen de gemeente meitsje gebrûk fan mooglikheden foar ynnovaasje, ferbreeding en gearwurking, en de ferbining tusken stêd en plattelân is fersterke.

In ynnovatyf,
sirkulêr en
brûzjend Ljouwert

- › De gemeente Ljouwert is in oantreklik fêstigingsplak foar bedriuwen, wurknimmers en ûndernimmers.
- › Der is foldwaande romte foar ynnovaasje, duorsume groei en takomstbestindige wurkgelegenheid.
- › De gemeente Ljouwert hat in ynnovatyf ekosysteem wêryn't ûnderwiis, bedriuwen en gemeente yntinsyf gearwurkje.
- › Us posysje as kennis- en ynnovaasjestêd op it mêd fan wetter, grûn en sirkulariteit is fersterke.
- › De gemeente Ljouwert is oantrekliker foar studinten en jong talint om te studearjen, wenjen en wurkjen.
- › Besikers ferbliuwe langer yn Ljouwert en de regio en ûnderfine in oantreklik, gastfrij en fariearre oanbod fan kultuer, hoareka, rekreaasje en natuer.
- › Kultuer, erfgoed, eveneminten en rekreaasje lûke mear besikers oan.
- › Ynwenners profitearje fan in oantrekliker leefklimaat en libbene binnenstêd en doarpen.

In feilige en
striidbere
mienskip

- › Ynwenners fiele har feiliger yn harren wyk en doarp.
- › Oerlêst en kriminaliteit wurde earder sinjalearre en yn gearhing oanpakt.
- › Kwetsbere ynwenners binne better beskermde tsjin minskehannel en útrûpeljen.
- › Prostitúsje sûnder fergunning is fierder tebekkrongen.
- › De gemeente Ljouwert is in feilige en striidbere gemeente, ek by maatskiplike ûnrêst en crises.
- › Ynwenners, ûndernimmers en organisaasjes binne digitaal striidberder.
- › Digitale kriminaliteit komt minder faak foar.
- › De romte foar ûnderminende kriminaliteit is sichtber lytser wurden.

In betroubere
en werkenbere
gemeente

- › Ynwenners en ûndernimmers ûnderfine de tsjinstferliening fan de gemeente as tagonklik, betrouber en gearhingjend.
- › Digitale tsjinstferliening is persoanlik, feilich en datamotivearre ynrjochte en stipet effektive en transparante beslútfoarming.
- › Mear ynwenners, wêrûnder jongeren, binne aktyf belutsen by belied, plannen en útfiering yn harren wyk of doarp. Sy hawwe mear ynfloed op besluten dy't harren leefomjouwing reitsje.
- › Ynwenners, ûndernimmers en maatskiplike organisaasjes ûnderfine dat kânsrike inisjativen út de mienskip tagonklik, dúdlik en soarchfâldich stipe wurde troch de gemeente.
- › De gemeente Ljouwert hat in sterke en werkenbere posysje binnen nasjonale en Europeeske netwurken.
- › Troch aktive gearwurking en lobby wurde mear middels, kânsen en ynfloed realisearre foar regionale opjeften en maatskiplike transysjes.

Bylage II: Finânsjes

De finansjele posysje stiet ûnder druk troch stiigjende lêsten dy't net folslein troch it Ryk dutsen wurde. Dêrtroch is de startposysje foar de kommende jierren útdaagjend. Foar 2030 liet de mearjierreroaïing by de start fan de formaasje in struktureel begruttingstekoart fan € 7,3 miljoen sjen en sakke de algemiene reserve nei sirka € 20 miljoen. Nei it ferwurkjen fan ûndersteande maatregels komt it strukturele begruttingsresultaat yn 2030 út op € 43.000 posityf. De algemiene reserve bliuwt mei in leechste stân fan € 22 miljoen yn 2030 boppe de troch ús winske ûndergrins fan € 20 miljoen.

We stean foar in deeglik finansjeel belied. We hawwe ôfwoegen besluten nommen oer hokker taken struktureel en ynsidinteele dutsen wurde. Mei it each op de finansjele posysje, freget dat om skerpe keuzes. Sawol om ta in slutende begrutting te kommen as om romte te skeppen foar nije beliedsynvestearringen. Dêrby jildt dat de finansjele útgongsposysje de kommende jierren noch feroarje kin. Yn oanrin nei de begrutting 2027 wurde bygelyks de effekten fan de maaiesirkulêre 2026 noch trochrekkene.

Foar't sjoen is nei beliedsmjittige yntervinsjes, is kritysk beoardiele hokker efficiencyromte binnen de amtlike organisaasje oanwêzich is. De konklúzje is dat in realistyske strukturele besparring realisearre wurde kin fan € 500.000 yn 2027, oprinnend oant € 3,5 miljoen yn 2030. Dêrfoar is wol in ynsidinteele friksjebudzjet needsaaklik fan € 3 miljoen. Dêrby is as útgongspunt hantearre dat dy besparring realisearre wurdt mei natuerlik ferrin. Der wurdt ûnder oare sjoen nei it doelmjittiger ynrjochtsjen fan de organisaasje troch kritysk te sjen nei de besteande prosessen. Ek is binnen de besteande budzjetten sjoen wêr't we mei minder budzjet takinne sûnder grutte gefolgen foar de beliedsdoelstellingen, troch effisjinter te wurkjen of wat mear risiko te nimmen.

Yn haadstik 2 stiet ús fyzje op it sosjaal domein. Om de winske transformaasje yn it sosjaal domein oan te jeien is twa kear in bedrach fan € 500.000 beskikber. De ferwachting is dat tanksij de transformaasje middels effisjinter ynset wurde kinne. Dat smyt besparingen op, dy't opnommen binne ûnder it haadstik 'In mienskip foar elkenien'.

Om ta in slutende begrutting te kommen, moatte we ek keuzes meitsje dêr't de gefolgen wol fan te fernimmen binne. Keuzes dy't (mear) gefolgen hawwe om't se it tempo beynfloedzje wêryn't beliedsdoelstellingen berikt wurde, om't se in offer freegje fan ús partners

of om't dêrtroch de lêsten ferhege wurde. Dat alles is nedich om trochgean te kinnen mei wat we dogge en te ynnvestearjen wêr't dat nedich is.

Yn ûndersteande tabel binne de beliedsmjittige maatregels opnommen. De posten mei in grutter finansjeel of ynhâldlik belang wurde by de haadstikken taljochte. Dêrneist binne der maatregels mei in mear generyk karakter. Sa wurdt ek wat frege fan subsidiearre ynstellingen. De subsydzjes wurde ienkear 2% minder ferhege. De parkearopbringsten wurde ferhege troch de ynset fan in scanauto. Dêrmei ferheegje we de betellingsreewilligens, mar net de tariven.

We hawwe kritysk sjoen nei de keuzes binnen de hjoeddeistige budzjetten en de prioritearring fan nije ambysjes. Fierders ha we ek kritysk sjoen nei de ferheging fan it dekken fan de kosten en nei lêsteferheging. Mei de lêsteferheging (as gefolch fan it ferheegjen fan it dekken fan de kosten fan de ôffalstoffeffeffering en de ferheging fan de OZB) bliuwe ús gemiddelde wenlêsten noch altyd leger as yn de measte oare grutte Fryske gemeenten. We skommelje om it Fryske gemiddelde hinne, mar bliuwe rom ûnder it lanlik gemiddelde. Wenje yn de gemeente Ljouwert bliuwt noch altyd relatyf foardielich yn ferhâlding ta earne oars yn de provinsje en yn de rest fan Nederlân.

- Wy hawwe keazen foar de folgjende ferhegingen:
- › Ut it útgongspunt wei dat lokale heffingen yn prinsipe kostedekkend binne, wurde de ôffalstoffeffeffering en bouleezjes ferhege. Foar rioelheffering wurdt kritysk sjoen hokker kosten tarekkene wurde kinne. Foar de ôffalstoffeffeffering ferheegje we de kostedekkendheid oant 97,4% (stiging fan de tariven fan 13%). Foar de bouleezjes ferheegje we de kostedekkendheid oant 70,1% (stiging fan de tariven fan 15%). Om de oergong net te grut wêze te litten, wurdt keazen foar in fasearre ferheging oer in perioade fan 3 jier.
 - › De ûnrepliksaakbelesting (OZB) wurdt yn 2027 en 2028 mei 2% ferhege (neist de reguliere yndeksaasje). Yn de oare jierren is der gjin ekstra ferheging.
 - › De toeristebelesting wurdt elke trije jier ferhege. Troch it tapassen fan differinsjearre tariven meitsje we ûnderskied tusken beboude en ûnbeboude sliepplakken. Yn 2027 binne de tariven € 2,50 de persoan de nacht foar beboud en € 1,75 foar ûnbeboud. Fan 2030 ôf binne de tariven € 3,00 en € 2,00 en bliuwe we yn line mei ferlykbere toeristyske gemeenten.

Hjirûnder folget in oersjoch fan de finansjele útwurking.

Beleidsintensiveringen

Maatregel	2026	2027	2028	2029	2030	waarvan structureel	Korte toelichting
2. Een samenleving voor iedereen							
Naar een houdbaar sociaal domein, inclusief preventie en jeugd-gezondheidshulp	-	500	500	-	-	-	Incidentele middelen om de beweging naar een houdbaar sociaal domein, inclusief de inzet op preventie en jeugdgezondheidshulp, mogelijk te maken.
2.1. Grip op bestaanszekerheid en inkomen							
Budgetten participatie	-	500	500	500	500	-	Middelen die ontstaan door het stoppen met basisbanen in de huidige vorm. De middelen zetten we tot en met 2030 gerichter in voor participatie, bijvoorbeeld voor start- en opstapbanen die inwoners helpen door te groeien zo mogelijk naar regulier werk.
Meedoenregeling	-	200	200	200	200	200	Structureel continueren huidige inzet meedoenregeling.
Stichting Leergeld	-	100	100	100	100	100	Structureel continueren huidige bijdrage stichting Leergeld (kindpakket Sam&) conform visie Armoede en Schuldhulp.
Vroegsignalering	-	225	225	-	-	-	Continueren huidige inzet vroegsignalering conform visie Armoede en Schuldhulp tot aan de MTR.
2.2 Iedereen een eerlijke kans							
Gezondheidsbeleid	-	300	300	-	-	-	Continueren inzet middelen huidige gezondheidsbeleid tot aan de MTR.
Jeugdagenda	-	570	570	-	-	-	Continueren inzet middelen jeugdagenda in lijn met Jeugdagenda tot aan de MTR.
Jeugdhulp op school	-	300	300	-	-	-	Continueren inzet middelen Jeugdhulp op school in lijn met Jeugdagenda tot aan de MTR.
Leeuwarden-Oost	280	727	878	892	922	-	Continueren van programma Leeuwarden-Oost tot en met 2030.
School als vindplaats	-	130	130	-	-	-	Continueren inzet middelen School als Vindplaats in lijn met Jeugdagenda tot aan de MTR.
2.3 Gezond samenleven als basis							
De Klomp	-	225	200	175	-	-	Dekking voor Netwerkcentrum De Klomp, welke uiteindelijk structureel opgaat in de nieuwe inkoop WMO.
Keti Koti	-	6	6	6	6	-	Middelen ter ondersteuning van het initiatief van een provinciale viering van Keti Koti tot en met 2030.
Kleedkamers Nijlân	-	5	18	18	18	18	Bij bestaande sportvelden in Nijlân worden extra kleedkamers gerealiseerd voor de buitensport.
Kunstgrasveld Wiarda	-	15	64	64	64	64	Vooruitlopend op de realisatie van sportpark Middelsee en de verhuizing van FVC wordt een extra kunstgrasveld in Wiarda aangelegd. Dit betreft de structurele kapitaallasten.
Mienskipsfonds	-	200	200	200	200	200	Structureel continueren Mienskipsfonds.
OZB-compensatie maatschappelijk vastgoed	-	160	160	160	160	160	Structureel continueren van regeling voor OZB-compensatie voor wijk- en dorpsuizen.
Sportpark Middelsee	-	2.500	500	1.128	1.128	1.128	Middelen ten behoeve van de eerste fase van sportpark Middelsee; realisatie van een sporthal, verhuizing van FVC en aanleg van drie kunstgrasvelden.
Sportparkmanagers	100	100	100	-	-	-	Inzet van de sportparkmanagers tot aan de MTR.
3.1. Goed wonen in leefbare dorpen en wijken							
Alternatieve woonvormen	450	-	-	-	-	-	Eenmalige extra budget t.b.v. het realiseren van alternatieve woonvormen.
Erfgoed-Kerkgebouwen	-	300	300	-	-	-	Middelen tot aan de MTR t.b.v. behoud en hergebruik erfgoed, met name kerkgebouwen, om invulling te geven aan de beleidsnota Erfgoed van de Toekomst en het beleidskader kerkgebouwen.
MFC Wirdum	-	3.300	50	50	-1.250	50	Bijdrage t.b.v. de realisatie van het MFC in Wirdum.
Mobiliteitshubs	-	-	-	700	700	700	Exploitiatiemiddelen t.b.v. mobiliteitshubs, waarbij wordt gekeken naar de stadsrandshub Werpsterhoek en de wijkhubs De Werp, De Fellingen en eerste fase Spoordok.
Pandenbrigade	-	240	240	-	-	-	Middelen tot aan de MTR t.b.v. de inzet van de pandenbrigade.
Stimulering sociale woningvoorraad	500	-	-	-	-	-	Incidentele storting in het Vereveningsfonds Sociale Woningbouw ten behoeve van het realiseren van 30% sociale huur.
Strategische investeringsagenda	-	125	1.250	1.875	2.250	2.250	Middelen ter dekking van kapitaalslasten van strategische investeringen. Met het gereserveerde structurele budget van € 2,25 miljoen, kan voor een bedrag van circa € 45 miljoen aan investeringen worden gedekt.

Beleidsintensivering

Maatregel	2026	2027	2028	2029	2030	waarvan structureel	Korte toelichting
3.2. Werken aan een duurzame en groene omgeving							
Dierenwelzijn	-	25	25	25	25	-	Continueren van middelen dierenwelzijn conform Nota Dierenwelzijn tot en met 2030.
Onkruidbestrijding verhardingen	200	200	200	200	200	200	Intensivering van onkruidbestrijding, noodzakelijk om het onderhoudsniveau op orde te houden.
Terugdringen zwerfafval	-	50	50	-	-	-	Extra middelen tot aan de MTR voor het opruimen van zwerfafval en het tegengaan van het bijplaatsen van afval.
Verduurzaming eigen vastgoed	-	15	119	119	119	119	Benodigde kapitaallasten voor de verduurzaming van een aantal panden uit de Routekaart Verduurzaming Gemeentelijk Vastgoed. Dit betreft de buurthuizen in gemeentelijk eigendom, zwembad It Gryn en zwembad Kalverdijkje.
4.1. Economisch stevige basis							
Academisch klimaat	-	300	300	300	300	-	Continueren bijdrage Academisch klimaat tot en met 2030.
Innovatiefonds	-	188	188	188	188	188	Structureel continueren innovatiefonds.
Samenwerkingsverbanden en netwerken	-	240	240	240	240	240	Structureel continueren samenwerkingsverbanden en netwerken (F4, EBF, EBNN, International Welcome Center North).
Wetsus, water- en bodemcampus	-	210	210	210	210	-	Continueren bijdrage WaterCampus tot en met 2030.
	-	500	500	500	500	-	Continueren bijdrage Wetsus tot en met 2030.
	-	300	-	-	-	-	Incidentele impuls t.b.v. bodemcampus.
4.2. Marketing, recreatie en toerisme							
Culturele programmering	-	275	275	275	275	275	Structureel continueren middelen t.b.v. culturele programmering (ter vervanging van blockbusterfonds).
Festivals en evenementen	230	230	230	230	230	230	Structureel continueren inzet (inkoop van) festivals en evenementen.
Marketing	-	160	160	160	160	160	Structureel continueren inzet marketing.
4.3. Het belang van cultuur							
Additionele subsidie amateurkunsten	20	20	20	20	20	20	Structureel verhogen van de subsidie specifiek voor amateurkunsten.
Additionele subsidie SML	20	20	20	20	20	20	Structureel verhogen van de subsidie specifiek voor Samenwerkende Muziekverenigingen Leeuwarden.
Arcadia	-	1.000	400	-	-	-	Incidentele bijdrage voor Arcadia 2028.
City of literature	-	50	50	50	50	-	Continueren bijdrage City of Literature tot en met 2030.
Explore the North	-	50	50	50	50	-	Continueren bijdrage Explore the North tot en met 2030.
Harmonie	-	50	50	50	50	-	Additionele bijdrage t.b.v. realisatie ambitieniveau B uit de cultuurnota tot en met 2030.
Innovatiebudget cultuur	-	60	60	60	60	-	Continueren innovatiebudget cultuur tot en met 2030.
Natuurmuseum	300	-	-	-	-	-	Eenmalige bijdrage aan het Natuurmuseum voor de verduurzaming en de vernieuwing van de vaste tentoonstelling.
We the North	-	125	125	125	125	-	Continueren bijdrage aan We the North tot en met 2030.
5. Een veilige en weerbare samenleving							
Capaciteit handhaving	-	-	475	475	475	475	Structureel continueren van de huidige inzet van handhaving.
Voortzetting aanpak ondermijning	-	-	705	500	500	-	Continueren van middelen ondermijning tot en met 2030.
6. Een betrouwbare en herkenbare gemeente							
Handgeld bewonersinitiatieven	-	-	20	20	20	20	Structurele intensivering middelen t.b.v. bewonersinitiatieven.
Jongerenparticipatie	280	480	650	380	-	-	Verwerking middelen Jongerenprogramma LWD 2026-2029 (conform het raadsvoorstel).
Samenwerking Europa	-	275	275	275	275	275	Structureel continueren middelen public affairs en lobby.
Samenwerking landelijk	-	205	205	175	175	175	Structureel continueren middelen public affairs en lobby.
Totaal	2.380	15.756	12.393	10.715	9.265	7.267	

Ruimtescheppende maatregelen

Ruimtescheppende maatregel	2026	2027	2028	2029	2030	waarvan structureel	Korte toelichting
2. Een samenleving voor iedereen							
Naar een houdbaar sociaal domein, inclusief preventie en jeugdgezondheidshulp	-	50	79	229	1.783	1.783	Besparing door het efficiënter benutten van middelen a.g.v. de beweging naar een houdbaar sociaal domein.
2.1. Grip op bestaanszekerheid en inkomen							
Stoppen met basisbanen	-	500	500	500	500	500	Structurele besparing door het stoppen met basisbanen in de huidige vorm.
2.3. Gezond samenleven als basis							
Optimalisatie budgetten wijk- en dorpsbudgetten en activiteitensubsidies	-	-	220	220	220	220	Besparing die ontstaat a.g.v. het kritisch kijken naar mogelijke overlap in subsidiestromen, de samenhang tussen regelingen en de effectiviteit van bestaande fondsen en budgetten, zoals het Mienskipsfonds, wijk-, buurt- en dorpsbudgetten en eventuele uitvoeringsbudgetten voor bewonersinitiatieven.
3.1. Goed wonen in leefbare dorpen en wijken							
Aanpassen fasering investering mobiliteit	-	120	120	120	120	120	Besparing a.g.v. van vertraging in fasering mobiliteitsambities.
Afbouw Atelier Stadsbouwmeester	-			150	150	150	Afbouw van Atelier Stadsbouwmeester na de MTR.
Afhandeling meldingen openbare ruimte	-	100	100	100	100	100	Besparing op de middelen die beschikbaar zijn voor het afhandelen van meldingen in de openbare ruimte.
3.2. Werken aan een duurzame en groene omgeving							
Programma Volhoudbaar	-	-	300	300	300	300	Overgang Programma Volhoudbaar naar reguliere manier van werken. Daarbij wordt het programma deze periode incidenteel gefinancierd uit Rijksmiddelen voor Klimaat en Energie.
4. Een innovatief, circulair en bruisend Leeuwarden							
Verminderen budget exposities HCL	-	-35	80	80	80	80	Verlaging budget van het HCL, rekening houdend met frictiekosten.
4.1. Economisch stevige basis							
Verlagen uitvoeringsbudget economische zaken	-	88	88	88	88	88	Verlagen uitvoeringsbudgetten economische zaken.
4.2. Marketing, recreatie en toerisme							
Verhoging toeristenbelasting	-	377	377	377	611	611	Verhoging toeristenbelasting t.b.v. de structurele dekking van (onder andere de inkoop van) festivals en evenementen, marketing en een waardevolle culturele programmering.
6. Een betrouwbare en herkenbare gemeente							
Aanpassen avondopenstelling	-	-	30	30	30	30	Besparing door sluiting van het gemeentehuis op donderdagavond.
Niet meer vertalen website	-	-		20	20	20	Besparing door het niet meer vertalen van de website in het Fries.
Samenwerking regionaal	-	50	50	50	50	50	Besparing door gericht in te zetten op de landelijke netwerken.
Bijlage II - Financiën							
Actualisatie startpostie	909	944	943	942	1.238	863	Om tot een goede integrale afweging te komen zijn diverse posten waarover discussie over de onontkoombaarheid kan ontstaan uit de beginpositie gehaald en specifiek besproken. Daarnaast zijn de meest recente inzichten in de financiële positie tijdens de onderhandelingen verwerkt.
Diverse technische mutaties	200	280	340	540	540	540	Diverse bijstellingen van de budgetten door efficiënter te werken en/of meer risico te nemen.
Eenmalige lagere indexatie gesubsidieerde instellingen	-	-	210	210	210	210	Eenmalige lagere indexatie van budgetten voor gesubsidieerde instelling van 2%.
Optimalisatie kostentoerekening rioolheffingen	-	400	400	400	400	400	Door zuiverder kosten toe te rekenen aan de rioolheffing wordt een besparing gerealiseerd op niet-rendabele budgetten.
Taakstelling eigen organisatie	-3.000	500	1.000	3.500	3.500	3.500	Taakstelling op de eigen organisatie, inclusief een reservering voor de benodigde transitie- en frictiemiddelen.
Verhogen kostendekkendheid afvalstoffenheffingen	-	766	1.326	1.885	1.885	1.885	Gefaseerde stijging van de kostendekkendheid van afvalstoffenheffing tot 97,4%.
Verhogen kostendekkenheid bouwleges	-	200	400	600	600	600	Gefaseerde stijging van de kostendekkendheid van bouwleges tot 70,1%.
Verhogen OZB (2x 2%)	-	883	1.766	1.766	1.766	1.766	Extra stijging van de OZB van 2% in 2027 en 2% in 2028 aanvullend op de reguliere indexatie.
Verhogen parkeerinkomsten door inzet scanauto	-	1.000	1.000	900	800	800	Stijging van de baten als gevolg van verhoogde betalingsbereidheid parkeren die ontstaat door de inzet van een scanauto.
Totaal	-1.891	6.223	9.329	13.007	14.991	14.616	

Bylage III: Oersjoch fan winsken en oandachtspunten út de ried

Oanlieding

De koälysje fynt in goeie gearwurking mei de folsleine gemeenteried tige wichtich. We wolle de kommende fjouwer jier mei-inoar oplûke en oandachtspunten fan alle partijen serieuus nimme. Dêrom hawwe we by de koälysjeûnderhannelingen petearen fierd mei alle fraksjefoarsitters fan partijen dy't gjin diel útmeitsje fan dizze koälysje. Dy petearen fûnen we tige weardefol. Wy wolle dy gearwurking de kommende perioade fuortsette, rjochting de Midterm Review (MTR).

Oan alle fraksjes is frege om oan te jaan op hokker twa ûnderwerpen sy de kommende perioade ekstra omtinken rjochtsje wolle. Ek is frege op hokker twa ûnderwerpen neffens harren besparringen of weroerwagingen mooglik binne. Mei dy doelfêste fragen woene we op in soarchfâldige en iepen wize ynsjoch krije yn de wichtichste prioriteiten en soargen fan de folsleine ried.

De útkomsten fan dy petearen binne besprutsen yn de koälysjeûnderhannelingen. Wêr mooglik en passend binnen de winsken fan de koälysjepartijen en de beskikbere middels, binne dy meinommen yn it koälysje-akkoart.

Yn dizze bylage stiet in oersjoch fan de ynput fan de partijen dy't gjin diel útmeitsje fan de koälysje. Sa wurdt dúdlik hokker ûnderwerpen sy wichtich fine en hokker keuzes en ôfwagingen sy meijûn hawwe.

Gearfetting ophelle winsken en oandachtspunten

Breed dielde tema's

De petearen mei de ferskate fraksjes litte sjen dat op guon tema's in soad oerienkomsten binne, wylst op oare ûnderwerpen just ûnderskate mieningen bestean. Op de folgjende tema's kamen de measte oerienkomsten nei foaren:

- › Oer de ferskate partijen hinne is der in soad omtinken foar de kwaliteit fan de leefomjouwing. It giet dêrby sawol om de fysike leefomjouwing – lykas it ûnderhâld fan de iepenbiere romte, wegen, paden en wiken – as om de sosjale leefberens, lykas feiligens, partisipaasje en it tefoaren kommen fan oerlêst. Ferskate fraksjes beklammen it belang fan sichtbere hanthavening en in feilige iepenbiere romte. Oare fraksjes lizze just mear de klam op sosjale gearhing en previnsje.
- › Dêrneist is der in dúdlike line sichtber: meardere fraksjes fine it wichtich om de basisfoarsjenningen op oarder te bringen en goed te hâlden. Yn de hjoeddeistige finansjele situaasje leit de neidruk foaral op it fersterkjen fan de útfieringskrêft fan de gemeente en it ferbetterjen fan besteande foarsjenningen, yn stee fan op nije ambysjes en plannen.
- › Ek wize ferskate fraksjes op mooglikheden om de gemeentlike organisaasje effisjinter yn te rjochtsjen. Dêrby giet it bygelyks om it beheinen fan eksterne ynhier, it ienfâldiger meitsjen fan prosessen en it fergrutsjen fan de slachkrêft fan de organisaasje.
- › Ta beslút kaam yn meardere petearen nei foaren hoe wichtich in goeie gearwurking is tusken de ried en it kolleezje. Dêrby waard ûnder mear wiisd op transparante beslútfoarming, yntiidse ynformaasjefoarsjenning en it better beheljen fan de ried by wichtige keuzes en ôfwagingen.

Yn it akkoart is werom te sjen dat al dy punten mei-nommen binne. We sette yn op it fersterkjen fan de sosjale leefomjouwing en de feiligens. Foar dy tema's meitsje we de kommende jierren ekstra jild frij. Dêrneist wurkje we oan it op oarder bringen fan de basis en it ferbetterjen fan de útfieringskrêft fan de organisaasje, wêrby't we kânsen sjogge foar doelmjittigens. Ek jouwe we ynfolling oan de winsk om de gearwurking mei de ried te fersterkjen. Transparânsje en in sterke demokrasy fine we dêrby wichtich en hawwe we dêrom neidruklik opnommen yn dit akkoart.

Ferskillen en rjochtingen foar besparringen

Neist de tema's dêr't in soad oerienstimming oer bestiet, litte de petearen ek sjen dat partijen op guon ûnderwerpen ûnderskate keuzes en aksinten lizze. Dy ferskillen gean foaral oer de ynfolling fan it sosjaal domein, de ambysjes op it mêd fan duorsumens en klimaat en de oanpak fan de jeugdsoarch.

De ferskillen yn fyzje binne ek werom te sjen yn de foarstellen foar besparringen en weroerwagingen dy't meijûn binne yn de petearen. Faak neamde ûnderwerpen binne it kritysk sjen nei útjeften foar eveneminten, citymarketing, subsydzjes en grutte projekten. Dêrneist neame meardere fraksjes mooglikheden om binnen de gemeentlike organisaasje te besparjen, bygelyks troch effisjinter te wurkjen, eksterne ynhier te beheinen of in taakstelling troch te fieren.

Tagelyk jouwe ferskate partijen dúdlik oan wêr't neffens harren net op besunige wurde moat. Sa fine guon fraksjes dat net besunige wurde mei op it sosjaal domein, hanthavening of foarsjenningen dy't wichtich binne foar de leefberens en stipe fan ynwenners.

Dy ûnderskate stânpunten binne meinommen by it opstellen fan it koälysje-akkoart. Dêrby is hieltyd sjoen nei de balâns tusken ambysje, helberens en de beskikbere finansjele romte, mei omtinken foar de ferskate opfettingen binne de ried.

Ta beslút

De koälysje sprekt syn wurdearing út foar de konstruktive hâlding en belutsenens fan alle fraksjes dy't harren ynbring levere hawwe. De petearen hawwe weardefolle ynsjoggen opsmiten en soargje foar in breed byld fan wat libbet binnen de ried en yn 'e stêd en de doarpen.

Wy sjogge dizze bylage as in goeie basis foar de gearwurking yn de kommende jierren. De opjeften dêr't de gemeente foar stiet freegje om oanhâldende gearwurking, begryp foar inoar en mienskiplike ynset. Dêrom nûgje de koälysjepartijen de oare partijen út om, elk út de eigen rol en ferantwurdlikens wei, mei-inoar fierder te wurkjen oan de útfiering fan dit koälysje-akkoart.

Gemeente Leeuwarden